

De ymplemintaasje fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen yn Nederlân

in update n.o.f. de sânde
rapportaazjesyklus

Auteur: **Ydwine R. Scarse**

Projektlider: **Cor van der Meer**

Yn opdracht fan it Orgaan foar de Fryske Taal DINGtiid
Desimber 2023



De ymplementaasje fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen yn Nederlân - in update n.o.f. de sânde rapportaazjesykklus

Auteur: Ydwine R. Scarse
Projektlieder: Cor van der Meer

Desimber 2023



Dit ûndersyk nei it ymplementearjen fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen yn Nederlân – in update n.o.f. de sânde rapportaazjesykklus, is útfierd troch it Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen, ûnderdiel fan de Fryske Akademy, yn opdracht fan it Orgaan foar de Fryske Taal DINGtiid.

provinsje fryslân
provincie fryslân

It Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen wurdt subsidiearre troch de Provinsje Fryslân.



FRYSKE  AKADEMY

Mercator Europeesk Kennisintrum
foar Meartaligens en Taallearen/
Fryske Akademy

Postbus 54
8900 AB Ljouwert/ Leeuwarden
(The Netherlands)
+ 31 (0) 58 213 14 14
mercator@fryske-akademy.nl
mercator-research.eu



Ynhâldsopjefte

1. Ynliding	5
2. Kêst 7. Doelstellings en begjinsels	7
2.1. Stân fan saken fan it ymplemintearjen kêst 7, 7 ^e syklus.....	8
2.2. Oersjoch rapportaazjesykly fan kêst 7.....	15
2.3. Gearfetting en oanbefellings kêst 7	16
3. Kêst 8. Underwiis.....	18
3.1. Stân fan saken fan it ymplemintearjen kêst 8, 7 ^e syklus.....	19
3.2. Oersjoch rapportaazjesykly fan kêst 8.....	26
3.3. Gearfetting en oanbefellings kêst 8	27
4. Kêst 9. Rjochterlike autoriteiten	30
4.1. Stân fan saken fan it ymplemintearjen kêst 9, 7 ^e syklus.....	31
4.2. Oersjoch rapportaazjesykly fan kêst 9.....	35
4.3. Gearfetting en oanbefellings kêst 9	36
5. Kêst 10. Bestjoerlike autoriteiten en iepenbiere tsjinsten	38
5.1. Stân fan saken fan it ymplemintearjen kêst 10, 7 ^e syklus	39
5.2. Oersjoch rapportaazjesykly fan kêst 10.....	44
5.3. Gearfetting en oanbefellings kêst 10	46
6. Kêst 11. Media.....	47
6.1. Stân fan saken fan it ymplemintearjen kêst 11, 7 ^e syklus	48
6.2. Oersjoch rapportaazjesykly fan kêst 11.....	51
6.3. Gearfetting en oanbefellings kêst 11	52
7. Kêst 12. Kulturele aktiviteiten en foarsjennings.....	53
7.1. Stân fan saken fan it ymplemintearjen kêst 12, 7 ^e syklus	54
7.2. Oersjoch rapportaazjesykly fan kêst 12.....	58
7.3. Gearfetting en oanbefellings kêst 12	59
8. Kêst 13. Ekonomysk en sosjaal libben	60
8.1. Stân fan saken fan it ymplemintearjen kêst 13, 7 ^e syklus	60

8.2.	Oersjoch rapportaazjesykly fan kêst 13.....	63
8.3.	Gearfetting en oanbefellings kêst 13	64
9.	Kêst 14. Utwikselings oer grinzen hinne.....	66
9.1.	Stân fan saken fan it ymplementearjen kêst 14, 7 ^e syklus	66
9.2.	Oersjoch rapportaazjesykly fan kêst 14.....	68
9.3.	Gearfetting en oanbefellings kêst 14	69
10.	Systematysk oersjoch rapportaazjesykly 1 oant en mei 7.....	70
11.	Mooglike ferfolchaksjes.....	72
12.	Boarnelist.....	78
Taheakken		83
Gearfetting (Frysk).....		84
Samenvatting (Nederlands)		86
Summary (English)		88

1. Ynlieding

Yn 2018 waard it rapport *De ymplemintaasje fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen yn Nederlân sûnt it ratifisearjen yn 1996* publisearre, dat skreaun waard troch Buning-Oosten en Zandberg fan it Mercator Europeesk Kennisintrum yn opdracht fan it Orgaan foar de Fryske Taal DINGtiid (hjernei: DINGtiid). Yn dat rapport waard yngien op 'e ymplemintaasje fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen (hjernei: it Hânfêst) oangeande it Frysk yn Nederlân sûnt de ratifikaasje. Doe't dy stúdzje útfierd waard wiene der fiif rapportaazjes beskikber fan de Ried fan Europa (fan 2001 oant 2016), dy't yn it DINGtiid-rapport wiidweidich taljochte en analysearre binne (hjernei: DINGtiid-rapport 2018). Yn 2021 is der nei oanlieding fan de sechsde rapportaazjesykus in update makke foar dat rapport, dat skreaun is troch Schukking (hjernei: update 2021).

Nei oanlieding fan de sânde rapportaazjesykus is dizze twadde update makke yn opdracht fan DINGtiid, oan 'e hân fan de rapporten fan de Nederlânske oerheid (maaie 2021) en de Kommisje fan Eksperts fan de Ried fan Europa (hjernei: KomEks; novimber 2022) en de oanbefelling fan it Komitee fan Ministers (april 2023). Yn it rapport wurdt de sânde rapportaazjesykus ferlike mei de foargeande rapportaazjesykly, wurdt der reflektearre wat der feroare is en oft de ynformaasjefoarsjenning foldwaande is foar de KomEks en wurdt der oanjûn hokfoar saken oft der opfalle. De tabel dy't yn ien eachopslach dúdlik makket oan hokker kâsten Nederlân foldocht en oan hokker net (sjoch Buning-Oosten & Zandberg, 2018, s. 9; Schukking, 2021, s. 52) wurdt boppedat oanfolle mei kâst 7 en de oardielen fan it sânde KomEksrapport.

Lêswizer

De struktuer fan dizze update is basearre op de update 2021 en de algemiene opset fan rapportaazjes sa't dy opsteld is troch de KomEks. Sa komme oan bod:

- Kâst 7. Doelstellings en begjinsels;
- Kâst 8. Underwiis;
- Kâst 9. Rjochterlike autoriteiten;
- Kâst 10. Bestjoerlike autoriteiten en iepenbiere tsjinsten;
- Kâst 11. Media;
- Kâst 12. Kulturele aktiviteiten en foarsjennings;
- Kâst 13. Ekonomysk en sosjaal libben;
- Kâst 14. Útwikselings oer grinzen hinne;
- Skematysk oersjoch rapportaazjesykly 1 oant en mei 7
- Mooglike ferfolchaksjes

De haadstikken oer kêst 7 oant en mei 14 hawwe deselde opbou. Earst wurdt werjûn wat der krekt ratifisearre is troch it Ryk. Twads wurdt der sjoen nei de stân fan saken mei de ymplementaasje. Sa wurdt de beoardieling fan de KomEks yn 'e sânde rapportaazjesykus earst skematysk werjûn, om dêrnei elk ratifisearre kêst kritysk tsjin it ljocht te hâlden. As tredde is der in gearfetting fan de útkomsten fan it kêst. In skematysk oersjoch mei it oardiel fan de KomEks yn 'e rapportaazjesykly ien oant en mei sân is te finen yn haadstik 10 en mooglike ferfolchaksjes wurde oanjûn yn haadstik 11.

It sânde KomEksrapport is opsteld oan de hân fan nûmere paragrafen (Council of Europe, 2022a). Foar de dúdlikens referrearret dizze update oan dy nûmers yn stee fan siden. De Fryske teksten fan it Hânfêst binne ien op ien oernommen fan de Council of Europe (1998) en kinne mooglik flaters of ûndúdlikheden befetsje. Foar de eftergrûnynformaasje fan it Hânfêst, de skiednis fan de ymplementaasje fan de kêsten en de (noch) net ratifisearre paragrafen wurdt ferwiisd nei it DINGtiid-rapport 2018, skreaun troch Buning-Oosten en Zandberg, en de update 2021, skreaun troch Schukking.

2. Kêst 7. Doelstellings en begjinsels

Sûnt de nije systematyk fan it monitoaren (sjoch Schukking, 2021), jout de KomEks har oardiel foar elk kêst ek systematysk wer. Dêrmei is it oardiel foar elk fan de paragrafen yn kêst 7 sichtber(der) wurden. Sadwaande is it mooglik om de sechsde en sânde sykly mei inoar te ferlykjen, eat dat yn it DINGtiid-rapport 2018 en de update 2021 noch net mooglik wie.

Kêst 7 befettet de folgjende paragrafen oangeande de doelstellings en begjinsels, dy't fan tapassing binne op it Frysk (Council of Europe, 1998, s. 3-4):

Kêst 7. Doelstellings en begjinsels

1. *De Partijen basearje harren belied, wetjouwing en praktyk oangeande regionale talen of talen fan minderheden yn de gebieten dêr't dy talen brûkt wurde en neffens de situaasje fan de taal, op de neikommende doelstellings en begjinsels:*
 - a. *de erkenning fan de regionale talen of talen fan minderheden as utering fan kulturele rykdom;*
 - b. *it earbiedigjen fan it geografysk gebiet fan alle regionale talen of talen fan minderheden om der fan op oan te kinnen dat besteande of nije bestjoerlike yndielings gjin beheining foarmje foar de befoarderjende fan de oanbelangjende regionale taal of taal fan in minderheid;*
 - c. *de needsaak fan wisberet hanneljen foar it befoarderjen fan regionale talen of talen fan in minderheid om dy te beskermjen;*
 - d. *it brûken fan regionale talen of talen fan minderheden makliker te meitsjen en/of oan te moedigjen, yn sprutsen en skreaune foarm, yn it iepenbiere en it partikuliere libben;*
 - e. *it yn stân hâlden en ûntwikkeljen fan bannen, op de troch dit Hânfêst bestrutsen mêden, tusken groepen dy't in regionale taal of taal fan in minderheid brûke en oare groepen yn de Steat dy't in taal prate dy't yn identike of soartgelikense foarm brûkt wurdt, en ek it ta stân kommen fan kulturele bannen mei oare groepen yn de Steat dy't oare talen brûke;*
 - f. *it yn passende foarms en middels foar it ûnderwiis yn de regionale talen of talen fan minderheden foarsjen en it bestudearjen dêrfan op alle ûnderwiisnivo's dy't dêrfoar yn 'e beneaming komme;*
 - g. *it leverjen fan foarsjennings om dejingen dy't in regionale taal of taal fan in minderheid net prate en dy't wenje yn it gebiet dêr't dy brûkt wurdt, by steat te stellen dy taal te learen as sy winskje;*

2.1.2. It earbiedigjen fan it geografysk gebiet – kêt 7.1.b

Yn it periodike rapport wurdt melden dat de fúzje fan Noardeast-Fryslân yn 2019 de lêste gemeentlike fúzje is yn Fryslân. It Ryk skriuwt dat út ûndersyk bliken docht dat de weryndielings foaral in negative ynfloed hawwe op it Frysk taalbelied, mar dat de Wet gebrûk Fryske taal (2014; hjirnei: WGFT) it de Fryske gemeenten ferplichte stelt om Frysk taalbelied te hawwen en om de posysje fan it Frysk te ferbetterjen (Rijksoverheid, 2021).

Wat it Frysk yn 'e rjochtbank oangiet is it mooglik foar boargers fan Fryslân om yn it arrondissemint Noard-Nederlân it Frysk te brûken, dus sawol yn as bûten de provinsje Fryslân (Rijksoverheid, 2021). De KomEks neamt dat as reden om dit kêt as 'ferfolle' te beskôgjen (sjoch par. 169).

It oardiel is heger as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

2.1.3. It resolút hanneljen foar de taalbefoarding – kêt 7.1.c

De WGFT mei dêryn de fêststelling fan 'e periodike Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer (hjrnei: BFTK) is earder troch de KomEks oanjûn as wichtige stimulâns foar it brûken fan it Frysk by oerheden (Council of Europe, 2012). Yn it sânde KomEksrapport befêstiget de KomEks de positive ynfloed fan de WGFT (sjoch par. 41). Boppedat binne de measte ôfspraken fan de BFTK 2019-2023 útfierd, mei in lyts oantal dat noch net útfierd is (sjoch par. 43). De BFTK is dêrom yn april 2022 oanfolle mei it *Sichtberensakkoart Fryske taal*, dat ek as basis tsjinje moat foar de nije BFTK 2024-2028 (sjoch par. 44). Boppedat sjocht de KomEks de mearwearde fan in Taalskipper foar it fersterkjen fan taalbelied, meidat it oantrunet op sa'n soarte funksje foar it Limboarchsk en Nedersaksysk (sjoch par. 27).

Yn it periodike rapport wurde saken neamd lykas *Mei-inoar foar it Frysk* en de diskusje oer de fersprieding fan ferantwurdlikheden foar it Frysk ûnder ferskate ministearjes. It Ryk konkludearret dat it net winsklik is om dy taken te konsintrearjen ûnder ien ministearje. Ministearjes hawwe elk harren eigen ferantwurdlikheden, mar it ministearje fan YSK is "fansels teffens ferantwurdlik foar it helpen fan de ymplementaasje fan de BFTK" (Rijksoverheid, 2021, s.8).

De KomEks hat lykwols soargen oer de kommende BFTK, omdat dy in begruttingskredyt fan nul ferwachtet fanwegen de oankundige besunigings fan €1,6 miljoen op it budzjet foar Fryske taal en kultuer (sjoch par. 45). Mei it ûndertekenjen fan bestjoersakkoarten, sa ûnderstrekete de KomEks, moatte de belutsen oerheden ek de nedige finansjele stipe beskikber meitsje foar it beheljen fan de taseine doelen (sjoch par. 9). Nettsjinsteande de positive effekten fan bestjoersôfspraken mei de Provinsje, is de nasjonale oerheid ferantwurdlik foar de ymplementaasje fan it Hânfêst (sjoch par. 9).

Njonken it *Sichtberensakkoart* binne neffens it periodike rapport stappen set foar it ferheegjen fan de sichtberens fan it Frysk. Sa hawwe Provinsje Fryslân en it ministearje fan YSK, as reaksje op sinjalen út Fryslân, de sichtberens fan it Frysk fergrutte troch Fryske ferzjes beskikber te meitsjen fan orgaandonaasjebrosjueres en de webside en app oangeande COVID-19 (Rijksoverheid, 2021). De KomEks nuansearret dat, mei't it skriuwt dat it Ryk "allinne yn de twadde faze fan de pandemy" de app en webside yn it Frysk beskikber makke hat (sjoch par. 14). De KomEks is te sprekken oer inisjativen om ynformaasje oer COVID-19 beskikber te meitsjen, lykas in Fryske hantlieding (inisjearre troch Provinsje Fryslân, it Network to Promote Linguistic Diversity (hjernei: NPLD) en oare organisaasjes) en reklame dy't troch Omrop Fryslân útstjoerd waard. De KomEks is sadwaande fan betinken dat soksoarte inisjativen bydrage oan de sichtberens fan de taal en dat dy de oerheid oanmoedigje om te sjen nei mooglikheden om algemiene ynformaasje te publisearjen yn de erkende talen (sjoch par. 14).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

2.1.4. It fasilitearjen fan it taalgebrûk – kêst 7.1.d

Wat media oanbelanget, hat it Frysk in plak yn de Mediawet fan 2008 en wurdt it boarge troch Omrop Fryslân. Foar erkende talen yn it algemien merkt de KomEks op dat it Ryk de mooglikheid hat om it brûken fan de erkende talen mei help fan wetjouwing ta te heakjen oan de formele taken fan regionale stjoerders. De KomEks ropt de oerheid op om gebrûk te meitsjen fan dy mooglikheid, omdat it brûken fan in erkende taal net oerlitten wurde moat oan de mediabedriuwen sels (sjoch par. 29).

It periodike rapport neamt dat Provinsje Fryslân lid is fan it NPLD en sadwaande oan it Europeeske projekt "The European Charter Classroom Activities" meidocht. Boppedat sil de Provinsje oan 'e slach mei it Frysk yn it bedriuwslibben (Rijksoverheid, 2021; sjoch par. 91).

De KomEks stelt fêst dat de twa kranten, de Ljouwerter Krante en it Frysk Deiblêd, mar in bytsje artikels yn it Frysk publisearje, en is te sprekken oer it traineeprogramma dat Omrop Fryslân, it Frysk Deiblêd en de Ljouwerter Krante opset hawwe om jonge sjoernalisten op te lieden yn 'e Fryske taal en kultuer. De takomst fan dit programma is lykwols net wis fanwegen in mooglik brekme oan finansjele stipe. It Ryk skriuwt yn it periodike rapport, dat der socht is nei Europeeske subsydzjemooglikheden, mar dy noch net fûn binne (s.21). De KomEks nûget sadwaande it Ryk út om te sjen nei de mooglikheid om kêsten 11.1.e. en 11.1.g. te ratifisearjen foar it Frysk (sjoch par. 30).

kêst 11.1.e.

i. de oprjochtingen/ of it yn stân hâlden fan op syn minst ien krante yn de regionale taal of taal fan in minderheid oan te moedigjen en/ of makliker te meitsjen;

ii. de geregelde publikaasje fan krante-artikels yn de regionale taal of taal fan in minderheid oan te moedigjen en/of makliker te meitsjen.

kêst 11.1.g.

de oplieding fan sjoernalisten en oare meiwurkers foar media dy't in regionale taal of taal fan in minderheid brûke, te stypjen.

It oardiel is itselde as yn 'e 6° syklus: foar in part ferfolle.

2.1.5. It hoedzjen en noedzjen fan bannen tusken (lyksoartige) regionale en minderheidstaalgroepen yn de steat – kêst 7.1.e

It Symposium voor Erkende Talen, dat ek oanhelle wurdt yn it periodike rapport, beskôget de KomEks as in goede kâns foar alle sprekkers fan de erkende talen om ynsichten te dielen (sjoch par. 12). Provinsje Fryslân hat fierders in "Fryslândeï" organisearre yn Brussel (Rijksoverheid, 2021).

It oardiel is itselde as yn 'e 6° syklus: ferfolle.

2.1.6. It foarsjen yn foarms en middels foar it ûnderwiis op alle nivo's – kêst 7.1.f

De KomEks ropt it Ryk op om in ein te meitsjen oan it ferskil tusken de kearndoelen foar it Nederlânsk en it Frysk, omdat dat allinne bydrage kin oan it ferswakjen fan de posysje fan it Frysk op skoalle en yn 'e maatskippij (sjoch par. 18). De KomEks ropt boppedat de oerheid op, om op pro-aktive wize yn te gripen om it brûken fan it Frysk op foarskoalsk ûnderwiis te befoarderjen en om in substansjeel part fan it basis- en fuortset ûnderwiis yn it Frysk mooglik te meitsjen, mei minstens 3 oeren yn 'e wike foar it fak Frysk (sjoch par. 18).

Mei it each op it tekoart oan learkrêften, befellet de KomEks oan om it oanbod foar dosinte-oplieding foar it Frysk troch te setten. Boppedat moatte positive inisjativen der foar soargje dat alle learlingen – Frysk of net – lessen krije yn 'e Fryske skiednis en kultuer (sjoch par. 18).

De KomEks priizget de ûntwikkeling fan *Wy binne mbû*, in gearwurking tusken Aeres, Firda en Afûk yn it ramt fan Taalplan Frysk en befellet oan om de ratifikaasje fan kêst 8.1.d. oangeande technysk ûnderwiis en beropsûnderwiis yn oerwaging te nimmen (sjoch par. 19). Dy oanbefelling hat in langere oanrin, mei't de KomEks in pear kear de lakune op mbû-nivo oanhelle hat yn har rapporten, ek mei it each op de pedagogyske oplieding foar

foarskoalsk ûnderwiis, oftewol kêst 8.1.h (Buning-Oosten & Zandberg, 2018; Council of Europe, 2001a; 2004; 2008; 2016).

Kêst 8.1d.

i. technysk ûnderwiis en beropsûnderwiis te bieden yn de oanbelangjende regionale talen of talen fan minderheden; of

ii. in oanmerklik part fan it technysk ûnderwiis en beropsûnderwiis yn de oanbelangjende regionale talen of talen fan minderheden; of

iii. binnen it technysk ûnderwiis en it beropsûnderwiis te foarsjen yn it ûnderwizen fan de oanbelangjende regionale talen of talen fan minderheden as yntegrearjend part fan it learplan; of

iv. ien fan de yn i oant en mei iii bedoelde maatregels alteast ta te passen op de learlingen dy't, of dêr't dat passend is waans húshâlding, dat winskje yn in foldwaande achte oantal.

Wat heger en universitêr ûnderwiis oanbelanget, befellet de KomEks oan om de hjoeddeistige mooglikheden foar it bestudearjen fan it Frysk op universitêr nivo te konsolidearjen mei in sterke, sichtbere en duorsume stúdzjerjochting Fryske taal en kultuer op universitêr nivo, bûten de BFTK om (sjoch par. 20). It Ryk reagearret dêrop, dat it dêrmei iens is dat it wichtich is om in sterke, sichtbere en duorsume stúdzje Fryske taal en kultuer op universitêr nivo te hawwen, mar wiist der tagelyk op dat it de RuG net slagge is om in gaadlike kandidaat te finen as fulltime heechlearaar (sjoch side 41).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: foar in part ferfolle.

2.1.7. It fasilitearjen fan it taallearen foar nije sprekkers – kêst 7.1.g

De ferskate kursussen fan de Afûk wurde beskôge as in goede foarsjenning om it Frysk te learen (sjoch par. 169).

It oardiel is heger as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

2.1.8. It befoarderjen fan stúdzje en ûndersyk – kêst 7.1.h

De KomEks stelt fêst dat der in efterútging is yn it tal wurkoeren en de funksje foar de learstoel Fryske taal en kultuer oan de Ryksuniversiteit Grins (RuG; sjoch par. 20). Omdat de stúdzje en it ûndersyk nei it Frysk ûnderbrocht binne yn dieltaken fan ferskate heechleararen en oer ferskate ûnderwiisprogramma's hinne spraak binne, is der neffens

de KomEks gjin sprake mear fan in folweardich heechlearaarskip Frysk yn Nederlân (sjoch par. 169).

It oardiel is leger as yn 'e 6^e syklus: foar in part ferfolle.

2.1.9. It befoarderjen fan ynternasjonale útwikselings – kêst 7.1.i

De KomEks nimt waar dat sintrale oerheden projekten foar ynternasjonale útwikseling stypje (sjoch par. 36). Boppedat hawwe Friezen yn Fryslân goed kontakt mei de Fryske taalgroepen yn Dútslân, eat dat de BFTK 2019-2023 fierder fersterkje wol (sjoch par. 37).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

2.1.10. It weinimmen fan alle ûnrjochtfeardige foarmen fan ûnderskied, útsluting, beheining of foarkar oangeande it brûken fan dit Frysk – kêst 7.2

De KomEks merkt op dat diskriminaasje op grûn fan taal net eksplisyt neamd wurdt yn nasjonale wetten oangeande lykwaardige behanneling. Op it stuit falt taaldiskriminaasje ûnder diskriminaasje op basis fan ras. Lykwols is dat neffens de KomEks net foar elkenien dúdlik en kin dy ûnwittendheid der ta liede dat taaldiskriminaasje net oankaarten wurdt yn 'e rjochtbank. Dêrom befellet de KomEks oan om 'taal' ta te heakjen yn de nasjonale wetten oangeande lykwaardige behanneling (sjoch par. 7).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

2.1.11. It befoarderjen fan ûnderling begryp en tolerânsje foar taalferskaat – kêst 7.3

De KomEks ferwolkommet it inisjatyf fan it Nederlânske oerheid om yn 2020 de webside Erkende Talen, www.erkendetalen.nl, te lansearjen mei algemiene ynformaasje oer de erkende talen fan Nederlân en tagong ta relevante wetjouwing, bestjoersôfspraken en Twadde Keamerdokuminten (sjoch par. 6).

De KomEks is lykwols fan betinken dat der net genôch maatregels yn it ûnderwiis en de media bestean om it bewustwêzen by in breed publyk te fergrutsjen (sjoch par. 169). Om mear bewustwêzen te kreëarjen by in breed publyk, ropt de KomEks it Ryk op om lesmateriaal oangeande de skiednis en kultuer fan de erkende talen oan it nasjonale

kurrikulum foar de Nederlânske skiednis ta te heakjen. Dêrby nûget de KomEks it Ryk út om lid te wurden fan de Observatory on History Teaching in Europe (sjoch par. 24).

It oardiel is leger as yn 'e 6^e syklus: foar in part ferfolle.

2.1.12. It rekken hâlden mei it ferlet en de winsken fan Fryske taalbrûkers – kêst 7.4

Yn it sechste rapport hat de KomEks oanjûn dat mei de bestjoersôfspraken, de WGFT en de oprjochting fan it Orgaan foar de Fryske Taal DINGtiid, it kêst as ferfolle beskôge wurdt (Council of Europe, 2019a, side 20). It Ryk skriuwt dat DINGtiid de rol hat om advys te jaan en ynput te jaan (Rijksoverheid, 2021). Lykwols jout de KomEks it advys oan de autoriteiten om alle relevante belanghawwers te belûken by it ûnderhandelingsproses foar de BFTK 2024-2028 (par. 45). Dat advys wurdt werhelle as ien fan de haadoanbefellings foar direkte aksje (sjoch side 29). De KomEks en it Ryk lykje dêrmei net op ien line te sitten. It Ryk skriuwt yn 'e reaksje, dat de BFTK in oerienkomst is tusken it Ryk en Provinsje Fryslân en de oerheden al kontakt hân hawwe mei ferskate relevante belanghawwers yn it Fryske fjild (sjoch side 42). It is faaks net winske om dy belanghawwers aktiver te belûken by in ûnderhandelingsproses tusken de oerheden, sa stelt it Ryk. Provinsje Fryslân wol evensagoed de belanghawwers aktiver belûke by de tarieding fan 'e BFTK. It Ryk ûnderstrekent dat DINGtiid aktyf belutsen is by it proses, as belange-organisaasje foar de Fryske mienskip (sjoch side 42). It is de fraach oft dat stânpunt fan it Ryk ynfloed hawwe sil op in takomstich oardiel fan kêst 7.4.

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

2.2. Oersjoch rapportaazjesykly fan kêst 7

Tabel 1: Oardiel fan de KomEks oer it ymplementearjen fan de paragrafen fan Kêst 7: doelstellings en begjinsels. It oersjoch fan kêst 7 is in nije taheakking neffens it DINGtiid-rapport 2018 en de update 2021. De fernijde systematyk fan it monitoaren hat it KomEksoardiel nammentlik ynsichtlik(er) makke.

rapportaazjesykus	6	7
publikaasjejier KomEksrapport	2019	2022
kêst 7: doelstellings en begjinsels		
7.1.a erkenning fan it Frysk as utering fan kulturele rykdom		
7.1.b it earbiedigjen fan it geografysk gebiet		
7.1.c it resolút hanneljen foar de taalbefoarding		
7.1.d it fasilitearjen fan it taalgebrûk		
7.1.e it hoedzjen en noedzjen fan bannen tusken taalgroepen		
7.1.f it foarsjen yn foarms en middels foar it ûnderwiis op alle nivo's		
7.1.g It fasilitearjen fan it taallearen foar nije sprekkers		
7.1.h it befoarderjen fan stúdzje en ûndersyk		
7.1.i it befoarderjen fan ynternasjonale útwikselings		
7.2 it weinimmen fan alle ûnrjochtfeardige foarmen fan ûnderskied		
7.3 it befoarderjen fan ûnderling begryp en tolerânsje foar taalferskaat		
7.4 it rekken hâlden mei it ferlet en de winsken fan Fryske taalbrûkers		

lêswizer	
	ferfolle
	foar in part ferfolle
	formeel ferfolle
	net ferfolle
	KomEks freget mear ynformaasje
g	'generally' ferfolle
?	Mercator: oardiel KomEks net dúdlik
x	Mercator: twifel oft ynformaasje-foarsjenning foldwaande wie foar oardiel

2.3. Gearfetting en oanbefellings kêst 7

Yn 'e sânde syklus hawwe de measte paragrafen fan kêst 7, nammentlik acht fan de tolve, it oardiel 'ferfolle' en fjouwer paragrafen it oardiel 'foar in part ferfolle'. Dat binne deselde oantallen as yn 'e sechsde syklus, mar der hawwe wol ferskowingen west wat der as 'foar in part ferfolle' beskôge wurdt (sjoch tabel 1).

2.3.1. Ferbetterje de ymplemintaasje fan it Hânfêst op nasjonaal nivo mei belied, wet- en regeljouwing

De KomEks jout op in pear mêden oan, dat de ymplemintaasje fan it Hânfêst ferbettere wurde kin op nasjonaal nivo yn belied, wet- en regeljouwing, mar ek mei it ûnderstypjen fan besteande inisjativen.

Ymplemintaasje

Mei it each op bestjoersôfspraken mei provinsjes, ûnderstrekjet de KomEks dat de nasjonale oerheid ferantwurdlik is foar ymplemintaasje fan it Hânfêst. Boppedat, by it ûndertekenjen fan soksoarte bestjoersôfspraken, moatte de belutsen oerheden ek de nedige finansjele stipe beskikber meitsje foar in suksesfolle útfiering fan taalbelied. Benammen mei it nijs fan 'e besunigings by Provinsje Fryslân op taal en kultuer, warskôget de KomEks dat soksoarte besunigings gjin ûnevenredich effekt hawwe meie op taalbelied.

Taalynklusive wetjouwing

Regionale en minderheidstalen en it Frysk kinne neffens de KomEks eksplisiter ferwurke wurde yn nasjonale wetjouwing oangeande diskriminaasje en media. Sa befellet de KomEks oan om 'taal' ta te heakjen yn de nasjonale wetten oangeande lykwaardige behandeling, om minsken yn it algemien eksplisiter te ynformearjen oer taalrjochten. Boppedat soe it Ryk gebrûk meitsje kinne fan wetjouwing oangeande media om it brûken fan de erkende talen by de taken op te skriuwen fan regionale media.

Frysk op universitêr nivo duorsum boargje

Der mist op it stuit in duorsum (nasjonaal) belied wat betreft it Frysk op universitêr nivo. Dêrom befellet de KomEks oan om de hjoeddeistige mooglikheden om de hjoeddeistige mooglikheden foar it bestudearjen fan it Frysk op universitêr nivo te konsolidearjen mei in sterke, sichtbere en duorsume stúdzje Fryske taal en kultuer op universitêr nivo, bûten de BFTK om.

De KomEks is fan betinken dat de hjoeddeistige stúdzjemooglikheden yn kombinaasje mei de fersnipeling fan stúdzjemooglikheden en de learstoel Frysk net neffens de makke ôfspraken binne fan it Hânfêst en boppedat foar swierrichheden soargje kinne foar de kwaliteit fan kennisoerdracht en foar de mooglikheden foar universitêre ûntwikkeling.

Inisjativen stypje en boargje

De KomEks ûnderstreket ferskate inisjativen dy't de ymplemintaasje fan it Hânfêst te'n goede komme. Foarbylden dêrfan binne de Taalskipper, de Fryske ynformaasje oer COVID-19, it traineeprogramma foar jonge sjoernalisten en *Wy binne mbû*. It Ryk soe dy inisjativen neffens de KomEks as foarbyld nimme moatte, mar ek finansjeel stypje en takomstbestindich boargje moatte.

Ynspraak taalmienskip yn BFTK

In haadoanbefelling foar direkte aksje fan de KomEks is it belûken fan belanghawwers en fertsjintwurdigers fan 'e Fryske taalmienskip by it ûnderhandelingsproses fan 'e BFTK 2024-2028.

2.3.2. Ratifisearjen fan mear paragrafen fan it Hânfêst

De KomEks riedt oan en ratifisearje mear paragrafen fan it Hânfêst oangeande ûnderwiis en media. Beide KomEksadvizen komme fuort út inisjativen út de praktyk en de KomEks sjocht kânsen om dy troch de nasjonale oerheid duorsum te boargjen oan de hân fan 'e ratifikaasje fan ekstra kêsten.

Kêst 8.1.d.

Yn it ferlingde fan Taalplan Frysk 2030 en it inisjatyf foar Frysk op it mbû, befellet de KomEks oan om de ratifikaasje yn oerwaging te nimmen fan kêst 8.1.d. oangeande technysk ûnderwiis en beropsûnderwiis.

Kêst 11.1.e. en 11.1.g.

Mei it each op it programma om jonge sjoernalisten op te lieden yn de Fryske taal en kultuer en de duorsume boarging dêrfan nûget de KomEks it Ryk út om te sjen nei de mooglikheid om kêsten 11.1.e en 11.1.g te ratifisearjen foar it Frysk. Yn kêst 11.1.e. kin de oerheid tasizze om in folsleine krante of om de geregelde publikaasje fan krante-artikels yn it Frysk oan te moedigjen. Kêst 11.1.g. stipet de oplieding fan sjoernalisten en oare meiwurkers foar Fryske media.

3. Kêst 8. Underwiis

De folgjende paragrafen op it mêd fan ûnderwiis binne ûndertekene troch it Ryk (Council of Europe, 1998; s. 5-6):

Kêst 8. Underwiis

1. *Oangeande it ûnderwiis ferplichtsje de Partijen harren derta, binnen it grûngebiet dêr't dy talen brûkt wurde, neffens de situaasje fan elk fan dy talen en sûnder ôfbrek te dwaan oan it ûnderwiis yn de offisjele taal of talen fan de Steat:*
 - a.ii. in oanmerklik part fan it ûnderrjocht, dat oan it ûnderwiis op skoalle foarôf giet, yn de oanbelangjende regionale talen of talen fan minderheden oan te bieden;*
 - b.ii. in oanmerklik part fan it primêr ûnderwiis yn de oanbelangjende regionale talen of talen fan minderheden te bieden;*
 - c. iii. binnen it fuortset ûnderwiis te foarsjen yn it ûnderwizen fan de oanbelangjende regionale talen of talen fan minderheden as yntegrearjend part fan it learplan;*
 - e.ii. foarsjennings beskikber te stellen foar it bestudearjen fan dy talen as fak yn it universitêr en heger ûnderwiis;*
 - f. ii. dizze talen oan te bieden as fak yn it ramt fan folwoeksenenunderwiis en permaninte edukaasje;*
 - g. ta regelings te kommen om it ûnderwiis yn de skiednis en kultuer dy't yn de regionale taal of de taal fan in minderheid har wjerspegeling fynt, te garandearjen;*
 - h. te foarsjen yn de basisoplieding en byskoalling fan de dosinten dy't nedich binne foar de tapassing fan dy leden út lid a oant en mei g dy't troch de Partij oanfurdige binne;*
 - i. ien of mear tafersjochhâldende organen yn te stellen dy't ferantwurdlik binne foar it folgjen fan nommen maatregels en de berikte foarútgong by it ta stân bringen of ûntwikkeljen fan it ûnderwizen fan regionale talen of talen fan minderheden, en ek foar it opstellen fan periodike ferslaggen oangeande harren befinings, dy't publisearre wurde sille.*
2. *Oangeande it ûnderwiis en oangeande oare mêden as dy wêr't de regionale talen of talen fan minderheden tradisjoneel brûkt wurde, ferplichtsje de Partijen harren derta, as it tal brûkers fan in regionale taal of taal fan in minderheid dat rjochtfeardiget, it ûnderwizen yn of fan de regionale taal of taal fan in minderheid op alle passende ûnderwiisnivo's ta te stean, oan te moedigjen of dêryn te foarsjen.*

3.1. Stân fan saken fan it ymplementearjen kêt 8, 7^e syklus

Yn it sechsde KomEksrapport wie de KomEks posityf oer it langetermynplan foar Frysk yn it ûnderwiis mei Taalplan Frysk 2030 en hat de KomEks de oanbefelling dien om troch te gean mei it fersterkjen fan it ûnderwiis fan en yn it Frysk op alle ûnderwiisnivo's (Council of Europe, 2019a). Yn it periodike rapport wurde de paragrafen ûnder kêt 8 net allegearre yndividueel behannele, mar ferwiist it Ryk nei diel II foar mear ynformaasje oer ûnderwiis yn it algemien. Dat hat ynfloed op de kwaliteit fan ynformaasjeoarsjenning foar de ratifisearre kêsten ûnder diel III.

It Ryk hat op dat sechsde KomEksadvys reagearre en oanjûn dat Taalplan Frysk 2030 der foar soargje sil dat alle basis- en middelbere skoallen de Fryske kearndoelen oanbiede sille (Council of Europe, 2019a). Yn it sânde rapport ferwolkommet de KomEks dat doel fan it Taalplan (sjoch par. 50), mar ûnderstreket dy dat de (ferlege) kearndoelen en it tal lesieren net goed genôch binne om te foldwaan oan it Hânfêst (sjoch par. 18 en 51). Mei it each op oankundige besunigings, freget de KomEks om mear ynformaasje oer de ûntwikkelings fan Taalplan Frysk yn it folgjende rapport (sjoch par. 46).

Mei it each op de trochgeande learline en de ûntwikkeling fan *Wy binne mbû* komt de KomEks yn it sânde rapport, ûnder kêt 7 (diel II) mei de oanbefelling om it kêt foar it mbû te ratifisearjen (sjoch haadstik 2.1.6). Dat advys komt net út 'e loft fallen, mar hat in lange oanrin. Sa hat de KomEks in pear kear de lakune op mbû-nivo oanhelle, ek mei it each op de pedagogyske oplieding foar foarskoalsk ûnderwiis, oftewol kêt 8.1.h (Buning-Oosten & Zandberg, 2018; Council of Europe, 2001a; 2004; 2008; 2016).

De KomEks sjocht nei it ûnderwiis oer it gehiel en is fan betinken dat it ûnderwiissysteem ferbettere wurde moat foar it Frysk, fan foarskoalsk ûnderwiis oant universiteit. Dêrom freget de KomEks it Ryk om de ûnderwiisstruktuer foar it Frysk te ferbetterjen, mei belutsenheid fan de sprekkers (sjoch par. 58). It Komitee fan Ministers hat as ien fan de seis haadoanbefellings om it Frysk ûnderwiis op alle ûnderwiisnivo's en it brûken fan it Frysk yn foarskoalsk ûnderwiis te fersterkjen (Committee of Ministers, 2023). Dat is nammers in haadoanbefelling dy't elke syklus jûn wurdt (Committee of Ministers, 2001; 2004; 2008; 2012; 2016; 2020; 2023).

3.1.1. Foarskoalsk ûnderwiis – kêst 8.1.a.ii.

It periodike rapport giet ûnder kêst 8 net yn op foarskoalsk ûnderwiis, mar ûnder kêst 7 (diel II). Foar de ynformaasjeoarsjenning kin dat yn it neidiel wêze en wannear't de KomEks gjin nije ynformaasje ûntfangt, kin in kêst itselde oardiel krije as de eardere sykus.

By kêst 7 stiet dat der gjin feroarings west hawwe sûnt it sechsde rapport. Wol wurdt der skreaun dat yn 'e berne-opfang it Nederlânsk wetlik as de offisjele taal fêstlein is, mar dat it Frysk teffens brûkt wurde mei, njonken it Nederlânsk. Yn de alinea dêrop stiet: "[i]t oanbod fan Fryske bernedeiferbliuwen hinget ôf fan de fraach en de foarkar fan âlden. It soe dêrom net logysk wêze dat de lanlike of lokale oerheden yn dizze saak yngripe. It stiet berne-opfangorganisaasjes fansels frij om te foldwaan oan in groeiende fraach nei bernedeiferbliuwen dêr't njonken it Nederlânsk Frysk praat wurdt." (Rijksoverheid, 2021, s. 10). De opmerking fan it Ryk dat yngripen net logysk is klinkt tsjinstridich, omdat mei de earder neamde wetlike ferplichting de oerheid wol yngrypt as it om it Nederlânske taalgebrûk giet. Boppedat hat it Ryk kêst 8.1.a.ii – yn stee fan kêst 8.1.iv – ratifisearre en dêrmei eigentliken oanjûn – en tasein – dat it Ryk it foarskoalsk ûnderwiis beynfloedzje kin.

De KomEks stelt fêst dat, yn oparbeidzjen mei it Sintrum Frysktalige Berne-opfang (SFBO), der in foarútgong te sjen is yn it oanbieden fan Frysk- of twatalige berne-opfang yn de gruttere plakken en steden, dêr't yn 'e regel mear Nederlânsk praat wurdt. Lykwols is it oanbod net genôch om te foarsjen yn de bern harren behoeften en binne de opfanglokaasjes noch net foar alle âlden yn 'e provinsje like tagonklik. De KomEks achtet it dan ek needsaaklik dat de nasjonale, provinsjale en lokale oerheden op in pro-aktive wize aksje ûndernimme, yn gearwurking mei it SFBO.

Ut ûndersyk fan DINGtiid (2023) docht bliken dat der gjin draachflak is foar in ekstra wetlike ferplichting en dat de WGFT, it Hânfêst en it Ramtferdrach al in goede basis foarmje foar in "ambisjeus belied" (s. 25). Sa is it mooglik om yn de BFTK dúdlike doelstellingen te foarmjen en kinne gemeenten stimulearre wurde om it Frysk te ferbinen oan subsydzjes yn berne-opfang (DINGtiid, 2023). Dêr't Provinsje Fryslân posityf regearre hat op it DINGtiid-rapport, is it Ryk weromhâldend yn de reaksje. De Provinsje stribbet yn de BFTK 2024-2028 nei om as doel op te nimmen dat der in goede sprieding fan twatalige lokaasjes komt, mei in groei nei 80% as twatalige lokaasje (Brok, 2023). It Ryk skriuwt dat it it Frysk stipet mei de wetlike mooglikheid om de taal te brûken njonken it Nederlânsk. Fierders mei Provinsje Fryslân de groei neistribje en yn petear gean mei mbû-ynstellings foar de befoardering fan it Frysk as karfak by de oplieding ta pedagogysk meiwurker (Van Gennip, 2023). It Ryk liket mei dy reaksje net yn te setten op in pro-aktive oanpak op nasjonaal nivo. Yn dy reaksje is it ek opfallend dat der net skreaun wurdt oer it Frysk as leardoel, mar it Frysk as middel om it Nederlânsk te learen.

Dy hâlding fan it Ryk kin lykwols feroarje. Yn oktober 2023 is der yn 'e Twadde Keamer stimd oer de Regeling meartalige berne-opfang, in wetsfoarstel dat it brûken fan in oare

taal as it Nederlânsk (nammentlik it Dútsk, Ingelsk of Frânsk) foar maksimaal 50% fan de tiid brûkt wurde mei yn 'e berne-opfang. In moasje fan Van den Hil (VVD) om te ûndersykjen hoe't berne-opfangorganisaasjes stimulearre en stipe wurde kinne om it Frysk te brûken is dêrby oernommen (Tweede Kamer der Staten-Generaal, 2023).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: foar in part ferfolle.

3.1.2. Basisûnderwiis – kêst 8.1.b.ii.

De KomEks is net te sprekken oer it ferskil tusken de keardoelen foar it Nederlânsk en it Frysk, omdat it allinne bydrage kin oan it ferswakjen fan de posysje fan it Frysk op skoalle en yn 'e maatskippij (sjoch par. 18 en 48). De KomEks ropt it Ryk dêrom op om in ein te meitsjen oan dat ferskil yn keardoelen (sjoch par. 18). De KomEks ferwolkommet teffens it stribjen dat basisskoallen yn 2030 net mear ûntheffing hawwe foar it Frysk (sjoch par. 50).

Der wurdt wykliks tusken de 30 en 60 minuten Fryske les jûn op 'e basisskoallen en op 40-50% fan de basisskoallen wurdt it Frysk brûkt as ynstruksjetaal. Dat binne te lege oantallen om te foldwaan oan de tasizzings fan kêst 8.1.b.ii, nammentlik dat ûnderwiis foar in oanmerklik part yn it Frysk oanbean wurdt (sjoch par. 51). Foar de betingsten foar in posityf oardiel kin der sjoen wurde nei oare erkende talen ûnder kêst 8.1.b.ii. Sa skriuwt de KomEks yn rapporten foar Eastenryk, Sloveenje en Slowakije dat der op syn minst 3 oeren wyks les oer de oanbelangjende taal wêze moat én dat minstens 50% fan de skoaltiid dy taal as ynstruksjetaal brûkt wurde moat (Council of Europe, 2019b; 2019c; 2023a). As ien fan beide net oanwêzich is, of as it oanbod sterk beheind is ta in lyts gebiet, dan beslút de KomEks dat it kêst net ferfolle is, sa't bygelyks te sjen is by it Bulgaarsk en it Tsjechysk yn Roemenië (Council of Europe, 2023b).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: net ferfolle.

3.1.3. Fuortset ûnderwiis – kêst 8.1.c.iii

De KomEks is net te sprekken oer it ferskil tusken de keardoelen foar it Nederlânsk en it Frysk, omdat it allinne bydrage kin oan it ferswakjen fan de posysje fan it Frysk op skoalle en yn 'e maatskippij (sjoch par. 18 en 48). De KomEks ropt it Ryk dêrom op om in ein te meitsjen oan dat ferskil yn keardoelen (sjoch par. 18).

Op middelbere skoallen wurdt Fryske les jûn yn 'e legere klassen, mar guon skoallen biede it Frysk allinne oan yn projektwiken (sjoch par. 52). De KomEks ferwolkommet it stribjen dat middelbere skoallen yn 2030 net mear ûntheffing hawwe foar it fak Frysk (sjoch par. 50). Nettsjinsteande kampanjes, bliuwt it oantal learlingen dat Frysk as eksamenfak kiest

leech, al wurdt dat oantal wol stadichoan grutter. De KomEks skriuwt dêrby dat de kampanje fan de Afûk, Omrop Fryslân en SJB Media – #DêromFrysk – it doel hat dat 25% fan de learlingen yn 2024 it Frysk kiest as eksamenfak (sjoch par. 52). It Ryk hat dêrop reagearre, mei't dat gjin offisjeel doel is fan 'e nasjonale oerheid of fan 'e Provinsje en it oantal eksamenlearlingen Frysk yn 2022 op 3% lei (sjoch side 41). Faaks giet it hjir om miskommunikaasje, want Omrop Fryslân skriuwt dat it doel fan #DêromFrysk is om it persintaazje fan skoallen dêr't it mooglik is om eksamen Frysk te dwaan fan 13% te ferheegjen nei 25% fan de skoallen yn 2024 (Omrop Fryslân, 2021a).

It Frysk op it fuortset ûnderwiis moat neffens kêst 8.1.c.iii in yntegrearjend part wêze fan it learplan. It KomEksoardiel foar oare erkende talen ûnder datselde kêst kin wat mear fertelle wat der nedich is foar in posityf oardiel. Roemenië kriget bygelyks in posityf oardiel foar it Bulgaarsk, dat foar trije oeren yn 'e wike as fak jûn wurdt, mar Roemenië kriget foar it Tsjechysk net langer in foldwaande omdat it fak (foar trije oeren wyks) allinne mar yn 'e ûnderbou oanbean wurdt (Council of Europe, 2023b). Reto-Romaansk yn Switserlân hat ek it oardiel 'ferfolle' (Council of Europe, 2022b). Yn it trijetalige kanton Graubünden/Grischun/Grigioni moatte learlingen ien offisjele taal kieze as haadtaal (Dútsk, Reto-Romaansk of Italjaansk). Kieze sy foar it Reto-Romaansk as haadtaal, dan krije sy dy taal as fak en trije fakken mei it Reto-Romaansk as ynstruksjetaal (Council of Europe, 2001b; Gross, 2017). Fierders kinne learlingen sûnt 2000 harren eineksamens (foar it ekwivalint fan HAVO en VWO) twatalich ôflizze (Council of Europe, 2001b; Gross, 2017).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: foar in part ferfolle.

3.1.4. Heger en universitêr ûnderwiis – kêst 8.1.e.ii

Yn it periodike rapport stiet gjin ynformaasje oer dit kêst, mar wurdt der referearre oan kêst 7.1.h yn diel II (Rijksoverheid, 2021). Foar de ynformaasjefoarsjenning kin dat yn it neidiel wêze en wannear't de KomEks gjin nije ynformaasje ûntfangt, kin in kêst itselde oardiel krije as de eardere syklus.

Neffens de BFTK 2019-2023 drage sawol de nasjonale as provinsjale oerheid de ferantwurdlikheid foar de promoasje fan 'e stúdzje en it ûndersyk nei it Frysk en it bieden fan fasiliteiten foar de stúdzje fan Frysk as fakken op 'e universiteit en yn it heger ûnderwiis (sjoch par. 53). De KomEks befellet by kêst 7.1.h oan om de hjoeddeistige stúdzjemoglikheden om it Frysk te bestudearjen te konsolidearjen mei in sterke, sichtbere en duorsume stúdzje Fryske taal en kultuer op universitêr nivo, bûten de BFTK om (sjoch par. 20).

De KomEks merkt op dat de stúdzje en it ûndersyk nei it Frysk ûnderbrocht binne yn dieltaken fan ferskate heechleararen en boppedat oer ferskate ûnderwiisprogramma's

hinne spraat binne, by de universiteiten fan Grins, Amsterdam en Leiden. Dêrnjonken docht de Fryske Akademy ûndersyk nei de Fryske kasus en bestudearje Afûk en Tresoar teffens it Frysk (sjoch par. 54). Studinten kinne by de NHL Stenden Hegeskoalle telâne foar in earste- en twaddegraads dosinte-oplieding of in minor Frysk. By de RuG is it sûnt 2012 net mear mooglik om foar in folsleine folsleine universitêre stúdzje Frysk te kiezen, mar kinne studinten in Fryske track dwaan fan 60 ECTS yn 'e Bachelor Minorities en Multilingualism (sjoch par. 55). Yn guon masterprogramma's is it mooglik om dêr in Fryske ynfolling oan te jaan (sjoch par. 56). De KomEks konkludearret sadwaande dat de posysje fan it Frysk op 'e universiteiten sûnt 2001 allegeduere efterútgien is, mei in fermindering fan it tal ECTS foar it Frysk op sawol Bachelor- as Masternivo (sjoch par. 57). De KomEks fynt boppedat dat de hjoeddeistige konstruksje swierrichheden jaan kin foar de kwaliteit fan kennisoerdracht en mooglikheden foar universitêre ûntwikkeling (sjoch par. 170). Neffens de KomEks is der gjin sprake mear fan in folweardich heechlearaarskip Frysk yn Nederlân troch de fersnipeling en dieltaken fan dy posysje (sjoch par. 169).

It Ryk fynt in sterke, sichtbere en duorsume stúdzjerjochting Fryske taal en kultuer wichtich, mar skriuwt dat de posysje en oanstelling foar de learstoel yn Grins oars is as dat de KomEks rapportearret en dat de RuG oanjûn hat om mei in konkreet plan te kommen om de lege learstoel te kompensearjen (sjoch side 41).

It oardiel is leger as yn 'e 6^e syklus: foar in part ferfolle.

3.1.5. Folwoeksen- en ferfolchedukaasje – Kêst 8.1.f.i

It periodike rapport jout gjin ynformaasje oer dit kêst, mar referearret oan kêst 7.1.f yn diel II (Rijksoverheid, 2021). Foar de ynformaasjefoarsjenning kin dat yn it neidiel wêze en wannear't de KomEks gjin nije ynformaasje ûntfangt, kin in kêst itselde oardiel krije as de eardere syklus.

De Afûk biedt ferskate kursussen Frysk foar folwoeksenen oan. De RuG biedt in kursus Frysk oan fia in Massive Open Online Course (MOOC) en op oanfraach by it taalsintrum. Boppedat is Provinsje Fryslân dwaande mei in Fryske app om de taal te learen (sjoch par. 59).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

3.1.6. Fryske skiednis en kultuer yn it ûnderwiis – kêst 8.1.g

Neffens de KomEks hawwe de autoriteiten oanjûn dat der gjin lesmateriaal (online of oars) beskikber is oer de Fryske kultuer en skiednis foar skoallen bûten de provinsje Fryslân (par. 60), al skriuwt it Ryk foarsichtich dat "miskien [...] in part fan it yn de provinsje te

ûntwikkeljen materiaal ek lanlik dield wurde [kin], sadat skoallen yn Nederlân as gehiel wat omtinken besteegje kinne oan Fryske skiednis en kultuer as gewoane praktyk” (Rijksoverheid, 2021, s.17). Sa’t by kêst 7.3 al neamd is, ropt de KomEks it Ryk op om lesmateriaal oangeande de skiednis en kultuer fan de erkende talen oan it nasjonale kurrikulum foar de Nederlânske skiednis ta te heakjen. Dêrby nûget de KomEks it Ryk út om lid te wurden fan de Observatory on History Teaching in Europe (sjoch par. 24).

Foar skoallen yn de provinsje is der wol in lytse hoemannichte lesmateriaal beskikber oer de Fryske kultuer en skiednis. Lykwols is dat materiaal net spesifyk makke foar skiednisdosinten en is it lesmateriaal fan de Kanon fan de Fryske Skiednis ferâldere en net geskikt om te brûken yn online learomjouwingen. De KomEks konkludearret dan ek dat der in brekme is oan oantreklik Frysk lesmateriaal, sawol printe as online, om te brûken yn ‘e skiednislessen op middelbere skoalle (sjoch par. 61).

It Ryk hat in oanfolling jûn op par. 61, nammentlik dat der yn 2023, mei stipe fan Provinsje Fryslân, in nij boek komt oer de Fryske skiednis foar it fuortset ûnderwiis, dat sawol yn it Frysk as Nederlânsk publisearre wurdt (sjoch side 41).

It oardiel is itselde as yn ‘e 6^e syklus: foar in part ferfolle.

3.1.7. Dosinte-opleiding – kêst 8.1.h

Provinsje Fryslân wol it learkrêftetekoart oanpakke en mear studinten krije foar de dosinte-opleidingen foar sawol de basis- as middelbere skoalle, oanbean troch NHL Stenden Hegeskoalle (Rijksoverheid, 2021). Sadwaande hat de hegeskoalle in dûbele kwalifikaasje mooglik makke foar sawol dosint Frysk as Nederlânsk. Boppedat organisearret NHL Stenden – yn gearwurking mei Cedin en mei stipe fan de Provinsje – kursussen foar learkrêften, *Klasse Frysk “WOW Frysk!* (Rijksoverheid, 2021; sjoch par. 62).

It oardiel is itselde as yn ‘e 6^e syklus: ferfolle.

3.1.8. Tafersjoch – kêst 8.1.i

Provinsje Fryslân en de Ynspeksje fan Underwiis hawwe regelmjittich oerlis en yn de BFTK is ôfpraat dat de Ynspeksje fan Underwiis struktureel tafersjoch hâldt op Frysk yn it ûnderwiis (Rijksoverheid, 2021). De KomEks priizget de beide oerheden foar de stappen dy’t ûndernommen binne om de skoalynspeksje foar it Frysk te ferbetterjen. De KomEks sjocht der nei út om yn ‘e kommende rapportaazjesykklus mear ynformaasje te krijen (sjoch par. 63). Dêrby referearret de KomEks oan it Poalske KomEksrapport fan 2015, dêr’t de KomEks freget om in lyksoartich ferslach fan de oerheid, ynklusyf ynformaasje oer de

omfang en beskikberens fan it ûnderwiis, ynformaasje oer taalbehearsking, learkrêfte-oanbod en de foarsjenning fan lesmateriaal (Council of Europe, 2015).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: foar in part ferfolle.

3.1.9. Frysk ûnderwiis bûten tradisjonele gebieten – kêt 8.2

It periodike rapport giet net spesifyk yn op dit kêt (Rijksoverheid, 2021). Dat hat yn it neidiel west fan 'e ynformaasje-foarsjenning foar de KomEks, mei't de KomEks oanjout dat dy gjin oardiel jaan kin fanwegen in brekme oan ynformaasje (sjoch par. 170).

It oardiel is oars as yn 'e 6^e syklus: gjin konklúzje.

3.2. Oersjoch rapportaazjesykly fan kêst 8

Tabel 2: Oardiel fan de KomEks oer it ymplemintearjen fan de paragrafen fan kêst 8: ûnderwiis

rapportaazjesykklus	1	2	3	4	5	6	7
publikaasjejier KomEksrapport	2001	2004	2007	2012	2016	2019	2022
kêst 8: ûnderwiis							
8.1.a.ii foarksoalsk ûnderwiis							
8.1.b.ii basisûnderwiis							
8.1.c.iii fuortset ûnderwiis						?	
8.1.e.ii heger en universitêr ûnderwiis						x	
8.1.f.i folwoeksen- en ferfolchedukaasje							
8.1.g Fryske skiednis en kultuer yn it ûnderwiis							
8.1.h dosinte-oplieding							
8.1.i tafersjoch							
8.2 Frysk ûnderwiis bûten tradisjonele gebieten							

Paragrafen fan kêst 8 dy't
(noch) net ratifisearre binne:

8.1.d

lêswizer	
	ferfolle
	foar in part ferfolle
	formeel ferfolle
	net ferfolle
	KomEks freget mear ynformaasje
g	'generally' ferfolle
?	Mercator: oardiel KomEks net dúdlik
x	Mercator: twifel oft ynformaasje foarsjenning foldwaande wie foar oardiel

3.3. Gearfetting en oanbefellings kêst 8

Yn 'e sânde syklus is de KomEks minder posityf oer it Frysk yn it ûnderwiis as yn 'e sechsde syklus, sa is kêst 8.e.ii: 'heger en universitêr ûnderwiis' leger beoardiele (foar in part ferfolle) en hat de KomEks gjin oardiel jûn oer kêst 8.2: 'Frysk ûnderwiis bûten tradisjonele gebieten' fanwegen in brekme oan ynformaasje. Fan alle kêsten is yn it ûnderwiis de measte ferbettering mooglik. Dêrmei leit de sânde syklus yn it ferlingde fan de KomEksoardielen en – oanbefellings fan eardere sykly. Elke syklus hat it Komitee fan Ministers dan ek de haadoanbefelling om it Frysk ûnderwiis op alle ûnderwiisnivo's te ferbetterjen (Committee of Ministers, 2001; 2004; 2008; 2012; 2016; 2020; 2023).

3.3.1. Ferskil yn sjenswize Nederlânske oerheid en KomEks

Op ferskillende ûnderwiisnivo's is te sjen dat it Ryk in oare sjenswize der op nei hâldt as de KomEks. Dêr't it Ryk gauris referearret oan wat de wetlike taken binne, sjocht de KomEks oft der de ratifisearre Hânfêstkêsten ferfolle wurde en learlingen de kânsen hawwe om in goede Fryske taalfeardigens (lêzen, skriuwen, praten en harkjen) te ûntwikkeljen op alle ûnderwiisnivo's (Buning-Oosten & Zandberg, 2018).

Foarskoalsk ûnderwiis

De KomEks achtet it needsaaklik dat de nasjonale, provinsjale en lokale oerheden op in pro-aktive wize aksje ûndernimme foar it Frysk op foarskoalsk ûnderwiis. It Ryk seit dat it net logysk is om as nasjonale oerheid yn te gripen wat de Fryske taal oangiet, mar hat dêr wol mooglikheden foar op wetlik en beliedsmjittich mêd. Yn oktober 2023 is der yn 'e Twadde Keamer in moasje oernommen om ûndersyk te dwaan nei dy mooglikheden.

Basisûnderwiis

Dêr't it Ryk benammen sjocht nei de ûnderwiiswetten oangeande it Frysk, sjocht de KomEks oft it ûnderwiisoanbod foldocht oan it Hânfêst, dêr't ûnderskreaun is dat ûnderwiis foar in oanmerklik part yn it Frysk oanbean wurdt. Dat oanbod mei minstens 3 oeren Frysk as fak yn 'e wike en 50% fan 'e lestiid mei it Frysk as ynstruksjetaal moat de kânsen biede foar alle learlingen om de Fryske taalbehearsking op nivo te ûntwikkeljen. Trijetalige skoallen komme it tichtst by dy betingsten. Mei it each op it lege tal lesieren en it bytsje brûken fan it Frysk as ynstruksjetaal, it loskeppeljen fan de Fryske kearndoelen fan de Nederlânske kearndoelen en de mooglikheid foar skoallen om ûntheffing te hawwen foar it Frysk komt de KomEks troch de jierren hinne net op in foldwaande oardiel. Wol Nederlân foldwaan oan it kêst 8.1.b.ii, dan moatte der hegere ambysjes komme. Taalplan Frysk 2030 set al yn om ûntheffings foar it Frysk út te fazearjen. De kearndoelen fan it Frysk soene wer lyksteld wurde moatte oan it Nederlânsk en it tal lesieren en it brûken fan it Frysk as ynstruksjetaal soe (fink) ferhege wurde moatte.

Fuortset ûnderwiis

Dêr't it Ryk wer benammen sjocht nei de ûnderwiiswetten oangeande it Frysk, sjocht de KomEks oft it ûnderwiisoanbod foldocht oan it Hânfêst, dêr't ûnderskreaun is dat Frysk in yntegrearjend part wêze moat fan it learplan. Dat komt del op in oanbod fan likernôch 3 oeren Frysk as fak yn 'e wike. Mei it each op it lege tal lesueren en it loskeppeljen fan de Fryske kearndoelen fan de Nederlânske kearndoelen en de mooglikheid foar skoallen om ûntheffing te hawwen foar it fak Frysk komt de KomEks net op in foldwaande oardiel. Wol Nederlân foldwaan oan it kêst 8.c.iii, dan moatte der hegere ambysjes komme. De kearndoelen fan it Frysk soene wer lyksteld wurde moatte oan it Nederlânsk en it tal lesueren soe yn alle gefallen (flink) ferhege wurde moatte, yn sawol ûnder- as boppebou.

mbû

De oanbefelling om kêst 8.1.d oangeande it mbû te ratifisearjen (sjoch haadstik 2.1.6 en 2.3.2) leit yn it ferlingde fan de sjenswize fan de KomEks om it ûnderwiis as gehiel te beskôgjen en om de trochgeande learline te ûnderstypjen. Boppedat kin sa it Frysk yn it foarskoalsk ûnderwiis (kêst 8.1.a.ii) en de dosinte-oplieding (kêst 8.1.h) fersterke wurde, mei't op it mbû de pedagogyske oplieding plakhat (Buning-Oosten & Zandberg, 2018; Council of Europe, 2001a; 2004; 2008; 2016).

Heger en universitêr ûnderwiis

De KomEks wol as earste in duorsum (nasjonaal) belied wat betrefte it Frysk op universitêr nivo. Dêrom befellet dy oan om de hjoeddeistige mooglikheden om it Frysk op universitêr nivo te bestudearjen te konsolidearjen mei in sterke, sichtbere en duorsume stúdzjerjochting Fryske taal en kultuer op universitêr nivo, bûten de BFTK om.

De KomEks is boppedat fan betinken dat de posysje fan it Frysk op 'e universiteiten sûnt 2001 allegedueren efterútgien is, fanwegen in fermindering fan it tal ECTS foar it Frysk op sawol Bachelor- as Masternivo, in heechlearaarskip Frysk dat ûnderbrocht is yn dieltiid en dieltaken en it bykomstige gefaar foar de kwaliteit fan kennisoerdracht en mooglikheden foar universitêre ûntwikkeling. Al mei al wurdt der net mear foldien oan it Hânfêst mei de hjoeddeistige stúdzjemooglikheden (it Fryske stúdzjespoar yn in bredere stúdzje) en de fersnipeling fan stúdzjemooglikheden en de learstoel Frysk. De KomEks warskôget dat de konstruksje foar swierrichheden soargje kin foar de kwaliteit fan kennisoerdracht en foar de mooglikheden foar universitêre ûntwikkeling.

It Ryk fynt in sterke, sichtbere en duorsume stúdzjerjochting Fryske taal en kultuer wichtich, mar skriuwt dat de posysje en oanstelling foar de learstoel yn Grins oars is as dat de KomEks rapportearret en dat de RuG oanjûn hat om mei in konkreet plan te kommen om de lege learstoel te kompensearjen (sjoch side 41).

Fryske kultuer en skiednis

Wat it les oanbod oanbelanget oer de Fryske kultuer en skiednis, sjocht de KomEks net allinne nei it oanbod fan les materiaal, dat de KomEks as ûnfoldwaande beskôget yn 'e sânde sykus, mar ek nei de ynklúzje dêrfan yn it nasjonale kurrikulum foar de

Nederlânske skiednis (sjoch haadstik 2.1.11). It Ryk liket de klam te lizzen op it oanbod yn Fryslân sels.

Ynspeksje

De KomEks priizget it Ryk en Provinsje Fryslân foar de stappen dy't ûndernommen binne om de skoalynspeksje foar it Frysk te ferbetterjen. De KomEks sjocht der nei út om yn 'e kommende rapportaazjesyklus mear ynformaasje te krijen, mei ynformaasje oer de omfang en beskikberens fan it ûnderwiis, ynformaasje oer taalbehearsking, learkrêfte-oanbod en de foarsjenning fan lesmateriaal.

3.3.2. Rapportazje ûnder kêst diel II yn stee fan diel III

It Ryk hat neat skreaun ûnder kêst 8.1.e.ii en referearret oan de ynformaasje dy't earder jûn is ûnder kêst 7.1.h fan diel II. Boppedat slacht it Ryk oare kêsten (8.1.a.ii, 8.1.f.i en 8.2) oer mei in algemiene opmerking oan it begjin dat mear ynformaasje oer edukaasje te finen is ûnder kêst 7.1.f. Foar de ynformaasjefoarsjenning kin it yn it neidiel wêze om net yn te gean op de konkrete maatregels ûnder diel III. Wannear't de KomEks gjin nije ynformaasje ûntfangt, kin in kêst itselde oardiel krije as de eardere syklus, dat eventueel net mear past by de werklike situaasje. Foar kêst 8.2 hat de KomEks al oanjûn dat dy gjin oardiel jaan kin fanwegen in brekme oan ynformaasje.

It Ryk soe dêrom der better op ferge wurde moatte om yn it periodike rapport de goede ynformaasje te jaan ûnder diel III.

4. Kêst 9. Rjochterlike autoriteiten

De folgjende paragrafen op it mêd fan rjochterlike autoriteiten binne ûndertekene troch it Ryk (Council of Europe, 1998; s. 6-7):

Kêst 9. Rjochterlike autoriteiten

De Partijen ferplichtsje harren derta, oangeande de gerjochtsdistrikten dêr't it tal ynwenners dat de regionale taal of taal fan in minderheid brûkt ûndersteande maatregels rjochtfeardiget, neffens de situaasje fan elk fan dy talen en op de betingst dat it brûken fan de yn dat lid beane mooglikheden troch de rjochter net achte wurdt de goede rjochtsbedieling op te kearen:

a. yn strafrechtlike prosedueren:

ii. de dage persoan it rjocht te garandearjen om syn/har regionale taal of taal fan in minderheid te brûken;

iii. te besluten dat fersiken en bewiis, skriftlik of mûnling, net as net-talitber beskôge wurde inkeld en allinne omdat sy yn in regionale taal of taal fan in minderheid steld binne.

b. yn sivile prosedueren:

iii. ta te stean dat stikken en bewiis yn de regionale taal of taal fan in minderheid, as dat nedich is troch gebrûk fan tolken en oersettings te meitsjen, oerlein wurde.

c. yn prosedueren foar de administrative rjochter:

ii. ta te stean, wannear't in prosedearjende partij persoanlik foar in rjochter ferskine moat, dat hy of sy syn of har regionale taal of taal fan in minderheid brûke kin sûnder dêrby ekstra kosten meitsje te moatten;

iii. ta te stean dat stikken en bewiis yn de regionale taal of taal fan in minderheid, as dat nedich is troch gebrûk fan tolken en oersettings te meitsjen, oerlein wurde.

2. De Partijen ferplichtsje harren derta:

b. net te wegerjen, tusken de partijen, yn de Steat opstelde juridyske dokuminten as jildich te erkennen, inkeld en allinne omdat dy yn in regionale taal of taal fan in minderheid steld binne, en te besluten dat hja harren op dy dokuminten beroppe kinne tsjin belanghawwende treden dy't gjin brûker fan dy taal binne, op betingst dat de ynhâld fan it dokumint troch de persoan of persoanen dy't him/harren op dy dokuminten beropt/beroppe oan harren bekend makke wurde.

4.1. Stân fan saken fan it ymplementearjen kêst 9, 7^e syklus

De WGFT jout it rjocht oan ynwenners fan Fryslân om it Frysk te brûken op alle lokaasjes dy't brûkt wurde troch de rjochtbank Noard-Nederlân (Ljouwert, Assen en Grins) en it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert (Ljouwert, Arnhem en Swol), de jurisdiksjes dêr't Fryslân ûnder falt (sjoch par. 65). Boppedat wurde de fertochte, partij, tsjûge of belanghawwende der op wiisd dat hja it rjocht hawwe om Frysk te praten, ûnder oare yn 'e korrespondinsje, mei buordsjes yn it gebou en op 'e webside fan justysje (sjoch par. 65 en 66). It Ryk en de KomEks skriuwe yn it periodike en KomEksrapport dat de rjochtbank en it gerjochtshôf fan harren meiwurkers easkje dat sy passive kennis hawwe fan it Frysk, of ree binne om de taal te learen. Om de kennis fan it Frysk ûnder de meiwurkers te ferbetterjen, organisearje beide geregeld kursussen Frysk (Rijksoverheid, 2021, s. 19; sjoch par. 67). It Ryk skriuwt yn it periodike rapport en yn 'e reaksje op it KomEksrapport, dat de oerheid it as bêste opsje sjocht om oan de wet te foldwaan, wannear't der rjochters, griffiers en iepenbiere oankleiers yn tsjinst binne of nommen wurde dy't it Frysk passyf behearskje (Rijksoverheid, 2021, s. 19; sjoch side 42-43). It brûken fan it Frysk soe garandearre wurde mei de folgjende middels, op ôfrinnende folchoarder fan foarkar: 1) mei meiwurkers by de rjochtbank Noard-Nederlân en it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert dy't passyf it Frysk ferstean; 2) mei in tolk op C1-nivo as de meiwurkers it Frysk net ferstean; 3) mei in beëdige tolk op B2-nivo as der gjin tolk op C1-nivo beskikber is; 4) mei immen dy't net yn it tolkeregister stiet.

Fanwegen de steatsrjochtlike posysje fan de rjochtspraak, hat de BFTK 2019-2023 gjin ôfspraken oer rjochtspraak. Provinsje Fryslân wurdt yn dy BFTK wol ferantwurdlik steld om yn petear te gean mei de rjochtbank Noard-Nederlân en it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert oangeande it Frysk taalbelied (Rijksoverheid, 2021).

Yn de fyfde en sechsde sykly hie de KomEks noed oer it lege oantal beëdige tolken (ien) en meiwurkers yn de rjochtseal dat Frysk ken. De KomEks beskôge dat as beheining om gebrûk te meitsjen fan it rjocht om Frysk te praten (Council of Europe, 2019a; par. 42). Dy soargen waarden diel troch Provinsje Fryslân (Council of Europe, 2019a), dy't dêrom in opliedingstrajekt yn gong set hat foar mear tolken (Omrop Fryslân, 2020). Der binne sadwaande twa tolken by kommen (sjoch par. 171). Nei in langere oanrin stake de beëdige tolken Frysk sûnt de simmer fan 2021 fanwegen de fergoeding dat hja krije fan de nasjonale oerheid (Omrop Fryslân, 2021b). It periodike rapport is earder útbrocht as dat, dus neamt dy tolkekwestje net (Rijksoverheid, 2021).

4.1.1. Gebrûk Frysk troch de dage persoan yn strafrechtlike prosedueren – kêst 9.1.a.ii

De WGFT jout it rjocht oan ynwenners fan Fryslân om it Frysk te brûken, sûnder ekstra kosten foar de dage persoan. Boppedat wurde dy minsken der op wiisd dat hja it rjocht hawwe om Frysk te praten (sjoch par. 65). By strafrechtlike prosedueren wurde de kosten foar it tolken betelle troch de nasjonale oerheid (sjoch par. 69). Lykwols beskôget de KomEks dit rjocht net langer as garandearre fanwegen it langrinnende konflikt tusken de tolken en it Iepenbier Ministearje oer it taryf foar tolkopdrachten (sjoch par. 171).

It Ryk hat dêrop reagearre en is fan betinken dat de konklúzje fan de KomEks – dat it rjocht om it Frysk te brûken yn 'e rjochtbank net langer garandearre is – net oerienkomt mei de praktyk. Sa is der yn 2021 sân kear in Fryske tolk ynskeakele troch it Iepenbiere Ministearje. De rjochtbank Noard-Nederlân hat gemiddeld twa kear yn it jier in tolk ynskeakele en it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert hat dat yn 16 jier sa'n fiif kear dien yn it strafrecht - nea yn de sivile sektor (sjoch side 42). Der kin dêrby opmurken wurde dat de sifers dy't yn dy reaksje presintearre wurde fan 2021 binne, wylst de KomEks harren besite hie tusken 28 juny en 1 july yn 2022. De KomEks is doe wiisd op de staking sûnt de simmer fan 2021 en in tal foarfallen dêr't it rjocht om Frysk te praten net garandearre waard (Omrop Fryslân, 2022a).

It oardiel is leger as yn 'e 6^e syklus: formeel ferfolle.

4.1.2. Gebrûk Frysk yn stikken en bewiis yn strafrechtlike prosedueren – kêst 9.1.a.iii

De KomEks giet net eksplisyt yn op it brûken fan it Frysk yn skriftlike stikken en bewiis, mar de WGFT jout dy mooglikheid. By strafrechtlike prosedueren wurde de kosten foar it tolken betelle troch de nasjonale oerheid (sjoch par. 69). Lykwols beskôget de KomEks dit rjocht net langer as garandearre fanwegen it langrinnende konflikt tusken de tolken en it Iepenbier Ministearje oer it taryf foar tolkopdrachten (sjoch par. 171). It Ryk hat dêrop reagearre en is fan betinken dat de konklúzje fan de KomEks net oerienkomt mei de praktyk (sjoch haadstik 4.1.1).

It oardiel is leger as yn 'e 6^e syklus: formeel ferfolle.

4.1.3. Gebrûk Frysk yn stikken en bewiis yn sivile prosedueren – kêt 9.1.b.iii

Ynwenners fan Fryslân hawwe fanwegen de WGFT it rjocht om Fryske dokuminten oan te leverjen by de rjochtbank Noard-Nederlân en it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert (Rijksoverheid, 2021). By sivile prosedueren wurde neffens de KomEks de oersetterskosten betelle troch Provinsje Fryslân (sjoch par. 68 en 69). It Ryk hat dêr op reagearre, dat de finansiering net ûnder de ferantwurdlikheid falt fan Provinsje Fryslân, mar ûnder it Ryk (sjoch side 43).

Fanwegen de kwestje tusken it lepenbier Ministearje en de tolken beskôget de KomEks de kêt 9.1.a.ii en 9.1.a.iii net langer as (foar in part) ferfolle, mar allinne noch as formeel ferfolle, (sjoch haadstikken 4.1.1 en 4.1.2). Dat ropt de fraach op, oft de KomEks ek in oar oardiel jûn hawwe soe foar it kêt 9.1.b.iii, wannear't dy de ynformaasje hân hie dat it lepenbier Ministearje ek ferantwurdlik is foar de tolkefergoeding yn sivile prosedueren.

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

4.1.4. Gebrûk Frysk troch in prosedearjende partij yn prosedueren foar de administrative rjochter – kêt 9.1.c.ii

Ynwenners fan Fryslân hawwe fanwegen de WGFT it rjocht om it Frysk te brûken by de rjochtbank Noard-Nederlân en it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert (Rijksoverheid, 2021). Yn it fyfde en sechsde KomEksrapport hat de KomEks it kêt as 'foar in part ferfolle' beskôge, omdat de KomEks it lege oantal beëdige tolken (ien) en meiwurkers yn de rjochtseal dat Frysk ken as beheining seach om gebrûk te meitsjen fan it rjocht om Frysk te praten (Council of Europe, 2019a, par. 42). Dy soargen waarden diel troch Provinsje Fryslân (Council of Europe, 2019a), dy't dêrom in opliedingstrajekt yn gong set hat foar mear tolken (sjoch par. 171). Der binne sadwaande twa tolken by kommen, wat der ta laat hat dat de KomEks yn it sânde rapport it kêt 9.c.ii wer as ferfolle beskôget.

Fanwegen de kwestje tusken it lepenbier Ministearje en de tolken beskôget de KomEks de kêt 9.1.a.ii en 9.1.a.iii net langer as (foar in part) ferfolle, mar allinne noch as formeel ferfolle, (sjoch haadstikken 4.1.1 en 4.1.2). Dat ropt de fraach op, oft de KomEks ek in oar oardiel jûn hawwe soe foar it kêt 9.1.c.ii, wannear't dy de ynformaasje hân hie dat it lepenbier Ministearje ek ferantwurdlik is foar de tolkefergoeding yn it bestjoersrjocht.

It oardiel is heger as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

4.1.5. Gebrûk Frysk yn stikken en bewiis yn prosedueren foar de administrative rjochter – kêst 9.1.c.iii

Ynwenners fan Fryslân hawwe fanwegen de WGFT it rjocht om Fryske dokuminten oan te leverjen by de rjochtbank Noard-Nederlân en it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert (Rijksoverheid, 2021). De KomEks hat oanjûn dat de oersetterskosten yn bestjoersrjocht troch Provinsje Fryslân betelle wurde (sjoch par. 68 en 69). It Ryk hat dêr op reagearre, dat de finansiering net ûnder de ferantwurdlikheid falt fan Provinsje Fryslân, mar ûnder it Ryk (sjoch side 43).

Fanwegen de kwestje tusken it lepenbier Ministearje en de tolken beskôget de KomEks de kêsten 9.1.a.ii en 9.1.a.iii net langer as (foar in part) ferfolle, mar allinne noch as formeel ferfolle, (sjoch haadstikken 4.1.1 en 4.1.2). Dat ropt de fraach op, oft de KomEks ek in oar oardiel jûn hawwe soe foar it kêst 9.1.c.iii, wannear't dy de ynformaasje hân hie dat it lepenbier Ministearje ek ferantwurdlik is foar de tolkefergoeding yn it bestjoersrjocht.

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

4.1.6. Gebrûk Frysk yn sivile prosedueren sûnder ekstra kosten – kêst 9.2.b

Ynwenners fan Fryslân hawwe fanwegen de WGFT it rjocht om it Frysk te brûken by de rjochtbank Noard-Nederlân en it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert (Rijksoverheid, 2021). De KomEks hat oanjûn dat by sivile prosedueren de oersetterskosten betelle troch Provinsje Fryslân betelle wurde (sjoch par. 68 en 69). It Ryk hat dêr op reagearre, dat de finansiering net ûnder de ferantwurdlikheid falt fan Provinsje Fryslân, mar ûnder it Ryk (sjoch side 43).

Fanwegen de kwestje tusken it lepenbier Ministearje en de tolken beskôget de KomEks de kêsten 9.1.a.ii en 9.1.a.iii net langer as (foar in part) ferfolle, mar allinne noch as formeel ferfolle, (sjoch haadstikken 4.1.1 en 4.1.2). Dat ropt de fraach op, oft de KomEks ek in oar oardiel jûn hawwe soe foar it kêst 9.2.b, wannear't dy de ynformaasje hân hie dat it lepenbier Ministearje ek ferantwurdlik is foar de tolkefergoeding yn it sivyrl rjocht.

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

4.2. Oersjoch rapportaazjesykly fan kêst 9

Tabel 3: Oardiel fan de KomEks oer it ymplemintearjen fan de paragrafen fan kêst 9, Rjochterlike autoriteiten

rapportaazjesyklyk	1	2	3	4	5	6	7
publikaasjejier KomEksrapport	2001	2004	2007	2012	2016	2019	2022
kêst 9: rjochterlike autoriteiten							
9.1.a.ii stikken en bewiis yn strafrechtlike prosedueren							
9.1.a.iii stikken en bewiis yn sivile prosedueren							
9.1.b.iii stikken en bewiis yn sivile prosedueren							x
9.1.c.ii prosedearjende partij yn bestjoersrechtlike prosedueren							x
9.1.c.iii stikken en bewiis yn bestjoersrechtlike prosedueren							x
9.2.b sivile prosedueren sûnder ekstra kosten							x

Paragrafen fan kêst 9 dy't
(noch) net ratifisearre binne:

paragrafen i en iv by 9.1.a;

paragrafen i en ii by 9.1.b;

paragrafen i en ii by 9.1.c; 9.1.d; 9.2.a; 9.2.c; 9.3

lêswizer	
	ferfolle
	foar in part ferfolle
	formeel ferfolle
	net ferfolle
	KomEks freget mear ynformaasje
g	'generally' ferfolle
?	Mercator: oardiel KomEks net dúdlik
x	Mercator: twifel oft ynformaasjefoarsjenning foldwaande wie foar oardiel

4.3. Gearfetting en oanbefellings kêt 9

Yn 'e sânde sykus binne 3 paragrafen oars beoardiele as yn 'e sechsde sykus. Sa beskôget de KomEks de kêtten 9.1.a.ii en 9.1.a.iii oangeande it brûken fan it Frysk troch de dage persoan en yn stikken en bewiis yn strafrechtlike prosedueren net langer mear as (foar in part) ferfolle, mar allinne noch as formeel ferfolle. It rjocht is wol wetlik fêstlein, mar is yn de praktyk net langer garandearre fanwegen it langrinnende konflikt tusken de tolken en it Iepenbier Ministearje. Kêt 9.1.c.iii: 'it brûken fan it Frysk troch in prosedearjende partij yn prosedueren foar de administrative rjochter' hat in heger oardiel krigen, fan 'foar in part ferfolle' nei 'ferfolle' fanwegen de taname fan ien tolk nei trije.

It Ryk skriuwt yn har reaksje dat dy it net iens is mei it kommentaar en legere oardiel fan 'e KomEks foar de kêtten 9.1.a.ii en 9.1.a.iii (sjoch side 42-43). Hja is fan betinken dat der yn 'e praktyk gjin swierrichheden binne om it Frysk te brûken yn 'e rjochtseal. De oerheid sjocht ek gjin obstakels om stikken of bewiis yn it Frysk oan te leverjen. Boppedat is de oerheid it der net mei iens dat de fergoeding foar tolken der op efterút gien is.

Ien fan de haadoanbefellings fan it Komitee fan Ministers is om it rjocht om Frysk te brûken yn 'e rjochtseal te garandearjen en de ynset fan kwalifisearre tolken te fersekerjen (Committee of Ministers, 2023).

4.3.1. Ynsette op Fryske taalbehearsking yn 'e rjochtbank

It Ryk skriuwt yn it periodike rapport en yn 'e reaksje op it KomEksrapport dat dy de foarkar hat om rjochters, griffiers en iepenbiere oanklagers dy't it Frysk passyf behearskje yn tsjinst te hawwen/nimmen by de rjochtbank en it gerjochtshôf. De ynset fan tolken soe sa minder needsaaklik wêze.

De passive Fryske taalbehearsking by de meiwurkers fan de rjochtbank Noard-Nederlân en it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert is neffens it Ryk de bêste wize om it rjocht om Frysk te brûken te garandearjen. It Ryk soe der op ferge wurde kinne om aktiver yn te setten op sok taalbelied by de rjochtbank Noard-Nederlân en it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert.

4.3.2. Misferstân by de KomEks: in te posityf oardiel?

De KomEks is fan betinken dat de kosten foar de ynset fan in tolk sawol troch it Ryk as troch Provinsje Fryslân droegen wurde. It Ryk soe ferantwurdlik wêze foar kosten by strafrechtlike prosedueren en Provinsje Fryslân soe de kosten drage foar sivile en bestjoersrechtlike prosedueren. It Ryk draacht lykwols de kosten foar alle prosedueren, dus ek foar sivile en bestjoersrechtlike prosedueren.

Fanwegen de kwestje tusken it Iepenbier Ministearje en de tolken beskôget de KomEks de kâsten 9.1.a.ii en 9.1.a.iii net langer as (foar in part) ferfolle, mar allinne noch as formeel ferfolle. De kâsten dêr't de KomEks fan betinken is dat de Provinsje de tolkekosten draacht, hawwe it oardiel 'ferfolle' krigen. Dat ropt de fraach op, oft de KomEks ek in te posityf oardiel jûn hat foar de kâsten 9.1.b.iii, 9.1.c.ii, 9.1.c.iii of 9.2.b oangeande sivile en bestjoersrjochtlike prosedueren, mei't de tolkekwestje dêr ek spilet.

5. Kêst 10. Bestjoerlike autoriteiten en iepenbiere tsjinsten

De folgjende paragrafen op it mêd fan Bestjoerlike autoriteiten en iepenbiere tsjinsten binne ûndertekene troch it Ryk (Council of Europe, 1998; s. 7-8):

Kêst 10. Bestjoerlike autoriteiten en iepenbiere tsjinsten

1. Binnen de bestjoerlike distrikten fan de Steat dêr't it tal ynwenners dat brûker is fan in regionale taal of taal fan in minderheid de ûndersteande maatregels rjochtfeardiget en neffens de situaasje fan elke taal, ferplichtsje de Partijen harren derta, foar safier't dat yn reedlikheid mooglik is:

a.v. te garandearjen dat brûkers fan in regionale taal of taal fan in minderheid in dokumint rjochtsjildich yn dy taal yntsjinje kinne;

c. ta te stean dat de bestjoerlike autoriteiten dokuminten opstelle yn in regionale taal of taal fan in minderheid.

2. Oangeande de pleatslike en regionale autoriteiten op it grûngebiet wêrfan't it tal ynwenners dat brûker fan in regionale taal of taal fan in minderheid is, sa is dat de ûndersteande maatregels dêrtroch rjochtfeardige wurde kinne, ferplichtsje de Partijen harren derta it neikommende ta te stean en/of oan te moedigjen:

a. it brûken fan in regionale taal of taal fan in minderheid yn it ramt fan de regionale of pleatslike autoriteit;

b. de mooglikheid dat brûkers fan in regionale taal of taal fan in minderheid mûnling of skriftlik oanfragen yn dy taal yntsjinje;

c. de publikaasje troch regionale autoriteiten fan harren offisjele dokuminten ek yn de oanbelangjende regionale taal of taal fan in minderheid;

d. de publikaasje troch pleatslike autoriteiten fan harren offisjele dokuminten ek yn de oanbelangjende regionale taal of taal fan in minderheid;

e. it brûken troch regionale autoriteiten fan in regionale taal of taal fan in minderheid yn debatten yn harren gearkomsten, sûnder lykwols it brûken fan de offisjele taal of talen fan de Steat út te sluten;

f. it brûken troch lokale autoriteiten fan in regionale taal of taal fan in minderheid yn debatten yn harren gearkomsten, sûnder lykwols it brûken fan de offisjele taal of talen fan de Steat út te sluten;

g. it brûken of it oannimmen fan de tradisjonele en goede foarmen fan toponimen yn de regionale taal of taal fan in minderheid, as dat nedich is yn 'e mande mei de namme yn de offisjele taal of talen.

4. Om de troch harren oanfurdige bepalings fan it earste, twadde en tredde lid ta te passen ferplichtsje de Partijen harren ta it nimmen fan ien of mear fan de neikommende maatregels:

a. oersetting of tolketsjinsten as dat easke wurdt;

c. it ynwilligen fan fersiken, foar safier't dat mooglik is, fan amtners dy't bekend binne mei in regionale taal of taal fan in minderheid om yn it gebiet dêr't dy taal brûkt wurdt, oansteld te wurden.

5. De Partijen ferplichtsje harren derta it brûken of it oannimmen ta te stean fan efternammen yn de regionale taal of taal fan in minderheid op fersyk fan de oanbelangjenden.

5.1. Stân fan saken fan it ymplemintearjen kêt 10, 7^e sykus

Hoe't en wannear't it Frysk brûkt wurde mei yn it bestjoerlik ferkear, wurdt fêstlein yn de WGFT. Dêrnjonken meitsje it Ryk en Provinsje Fryslân periodike ôfspraken yn de BFTK. De KomEks neamt fierders it provinsjale beliedsplan *Fanselssprekkend Frysk* en de finansjele regeling *Mei-inoar foar it Frysk*, dy't it Frysk taalgebrûk stimulearje by ferskate oerheidsorganen. Sa stiet yn it beliedsplan *Fanselssprekkend Frysk* it stribjen dat elke fakatuere in positive hâlding foar it Frysk oer freegje sil, dat nije meiwurkers in taaltest dwaan sille en, dat dy in taalkursus oanbean krije wannear't dat nedich is (sjoch par. 73). Boppedat is it doel fan *Fanselssprekkend Frysk* dat yn 2030 de grutte mearderheid fan 'e provinsjemeiwurkers dy't direkt klantekontakt hawwe it Frysk ferstean en skriuwe kinne. It Ryk reagearret dêrop, dat Provinsje Fryslân it Frysk stimulearje wol op in positivere wize en dat der dêrom gjin ferplichte taaltoets is, mar dat nije meiwurkers wol oanmoedige wurde om op taalkursus te gean (sjoch side 41). Lykwols stiet yn *Fanselssprekkend Frysk* yndied it plan om dy taaltoetsen ôf te nimmen: "Nij persoanlik sil in taaltoets dwaan en oan de hân fan de resultaten in kursus oanbean krije. Foar bestand persoanlik sil in ynheltslach makke wurde" (Provinsje Fryslân (2021), s.5).

5.1.1. Rjochtsjildich yntsjinjen fan in Frysk dokumint – kêt 10.1.a.v

De KomEks giet net eksplisyt yn op dit kêt, mar skriuwt dat boargers it Frysk brûke meie

wannear't sy yn kontakt binne mei bestjoersorganen mei ferantwurdlikheden yn Fryslân (sjoch par. 70).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

5.1.2. Opstellen Frysk dokumint troch bestjoerlike autoriteiten – kêst 10.1.c

De KomEks giet net eksplisyt yn op dit kêst, mar skriuwt wol dat de Provinsje en gemeenten ree binne om mear dokuminten yn it Frysk te publisearjen (sjoch par. 73 en 74). Boppedat hat Provinsje Fryslân it doel fêststeld yn it beliedsplan *Fanselssprekkend Frysk* dat yn 2030 90% fan 'e meiwurkers dy't direkt klantekontakt hawwe it Frysk ferstean en skriuwe kinne (sjoch par. 73).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

5.1.3. Brûken Frysk yn it ramt fan de provinsje en gemeente – kêst 10.2.a

Boargers meie it Frysk brûke wannear't sy kontakt hawwe mei bestjoersorganen dy't ferantwurdlikheden hawwe yn Fryslân. Bestjoersorganen yn Fryslân dy't gjin diel útmeitsje fan it sintrale bestjoer binne ferplichte om regels en beliedsplannen op te stellen foar it Frysk taalgebrûk. Foar bestjoersorganen dy't bûten Fryslân falle mar wol ferantwurdlikheden útfiere yn Fryslân, is dat in mooglikheid (sjoch par. 70). Nei oanlieding fan it DINGtiidrapport oer de Fryske taal by Ryksútfieringsorganisaasjes hawwe dy organisaasjes it advys krigen om taalbelied op te stellen (par. 71). De Feilichheidsregio Fryslân is dwaande mei taalbelied, mar de KomEks hat te hearren krigen dat, nettsjinsteande dy ûntwikkeling, der swierrichheden binne om it Frysk te brûken mei de meldkeamer (sjoch par. 72). De finansjele regeling *Mei-inoar foar it Frysk* is iepen foar gemeenten, foar semy-oerheidsynstânsjes lykas it Wetterskip en Feilichheidsregio Fryslân en foar ynstânsjes op subnasjonaal nivo lykas it CJIB en de belestingtsjinst (sjoch par. 74 en 75).

De KomEks freget de oerheid om yn it folgjende periodike rapport ynformaasje te jaan oer de útfiering fan sok taalbelied yn 'e praktyk (sjoch par. 70).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

5.1.4. Yntsjinjen Fryske oanfragen, mûnling of skriftlik, by Provinsje en gemeenten – kêt 10.2.b

Provinsje Fryslân hat it doel dat yn 2030 90% fan 'e meiwurkers dy't direkt klantekontakt hawwe it Frysk ferstean en skriuwe kinne (sjoch par. 73). De mearderheid fan de gemeenten hat Frysk taalbelied, dat bygelyks ynhâlde kin dat der nei Fryske taalfeardigens sjoen wurdt by it oannimmen fan nije meiwurkers of taalkursussen oanbean wurde oan meiwurkers dy't klantekontakt hawwe.

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

5.1.5. Publikaasje offisjele dokuminten fan Provinsje ek yn it Frysk – kêt 10.2.c

De Provinsje hat by de KomEks oanjûn dat dy ree is om de provinsjale begrutting, rekkens en beliedsdokuminten yn it Frysk te publisearjen en om alle ynformaasje twatalich út te jaan yn flyers, op sosjale media en yn kampanjes (sjoch par. 73).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

5.1.6. Publikaasje offisjele dokuminten fan gemeenten ek yn it Frysk – kêt 10.2.d

Mei de stipe fan de Provinsje as Taalskipper en de finansjele regeling *Mei-inoar foar it Frysk* hat de mearderheid fan de gemeenten yn Fryslân taalbelied foarme, mei it doel om it Frysk mear te brûken yn bygelyks brieven en oankundigings (sjoch par. 74).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

5.1.7. Frysk yn debatten Provinsje Fryslân – kêt 10.2.e

De KomEks giet net eksplisyt yn op dit kêt en jout it itselde oardiel as alle eardere sykly: ferfolle.

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

5.1.8. Frysk yn debatten yn gemeenten – kêt 10.2.f

De KomEks giet net eksplisyt yn op dit kêt en jout it itselde oardiel as alle earder sykly: ferfolle.

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

5.1.9. Fryske toponimen – kêt 10.2.g

Hoewol't it tastien is om Fryske toponimen te brûken yn dokuminten en iepenbiere romten, is it net gebrûklik foar gemeenten om Fryske toponimen oan te nimmen of te brûken foar twatalige paadwizers (sjoch par. 76 en 172). De KomEks jout dêrom oan dat it kêt net langer beskôge wurdt as 'ferfolle,' mar as 'foar in part ferfolle.'

It Ryk skriuwt yn de reaksje, dat de KomEks yn Ljouwert op besite west hat, dêr't it Frysk minder sichtber is as yn oare gemeenten. Provinsje Fryslân soe dêrby de KomEks útnûgje wolle foar in langer ferbliuw, om sa in yndruk te krijen fan de sichtberens fan it Frysk bûten Ljouwert om (sjoch side 41-42).

It oardiel is leger as yn 'e 6^e syklus: foar in part ferfolle.

5.1.10. Oersetting of tolketsjinsten foar de útfiering fan kêsten 10.1-10.3 – kêt 10.4.a

De KomEks giet net eksplisyt yn op dit kêt en jout it itselde oardiel as alle eardere sykly: ferfolle.

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

5.1.11. Fersiken fan Fryske amtners om yn Fryslân oansteld te wurden – kêt 10.4.c

Yn 'e sechsde syklus frege de KomEks om mear ynformaasje en sei dy net by steat te wêzen om in oardiel te jaan, omdat de KomEks net fan fersiken fan amtners heard hie of de wegering dêrfan (Council of Europe, 2019a). Yn de sânde syklus skriuwt de KomEks suver itselde, nammentlik dat dy net heard hat fan soksoarte fersiken of de wegering dêrfan (sjoch par. 77 en 172). Sa'n fersyk soe op yndividuele basis beoardiele wurde (sjoch

par. 77). De KomEks beskôget op basis fan dy ynformaasje it kêst yn 'e sânde syklus as formeel ferfolle.

De Ingelske tekst fan it Hânfêst hat it oer 'public service employees', de Nederlânske en Fryske oersettings hawwe it oer amtners (Council of Europe, 1992, 1998, 2010). De oersetting nei 'amtner' kin foar Nederlân foar betizing soargje foar de útfiering fan dit kêst, dat hast trochrinnend fan de KomEks in leech oardiel kriget (twadde o/m sânde syklus). Yn it DINGtiid-rapport 2018 wurdt nammentlik dúdlik dat de kaaiekspert op it mêd fan de KomEks de soarchsektor ek ûnder kêst 10.4.c beskôget, wylst soksoarte wurknimmers yn Nederlân net as amtner oantsjuten wurde.

It oardiel is heger as yn 'e 6^e syklus: formeel ferfolle.

5.1.12. Brûken en oannimmen Fryske efternammen – kêst 10.5

De KomEks giet net eksplisyt yn op dit kêst en jout it itselde oardiel as it sechsde rapport: ferfolle.

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

5.2. Oersjoch rapportaazjesykly fan kêst 10

Tabel 4: Oardiel fan de KomEks oer it ymplemintearjen fan de paragrafen fan kêst 10, Bestjoerlike autoriteiten en iepenbiere tsjinsten

rapportaazjesykus	1	2	3	4	5	6	7
publikaasjejier KomEksrapport	2001	2004	2007	2012	2016	2019	2022
kêst 10: bestjoerlike autoriteiten en iepenbiere tsjinsten							
10.1.a.v rjochtsjildich yntsjinjen fan in Frysk dokumint							
10.1.c opstellen Frysk dokumint troch bestjoerlike autoriteiten							
10.2.a brûken Frysk by Provinsje of gemeente							
10.2.b yntsjinjen Fryske oanfragen, mûnling of skriftlik							
10.2.c publikaasje offisjele dokuminten ek yn it Frysk (Provinsje)							
10.2.d publikaasje offisjele dokuminten ek yn it Frysk (gemeenten)							
10.2.e Frysk yn debatten (Provinsje)							
10.2.f Frysk yn debatten (gemeenten)							
10.2.g Fryske toponimen							
10.4.a oersetting of tolketsjinsten foar kêst 10.1-3							
10.4.c ynwilligjen fan fersiken fan Fryske amtners om yn Fryslân oansteld te wurden							
10.5 brûken en oannimmen Fryske efternammen							

Paragrafen fan kêt 10 dy't
(noch) net ratifisearre binne:

10.1.b; 10.3, 10.4.b

lêswizer	
	ferfolle
	foar in part ferfolle
	formeel ferfolle
	net ferfolle
	KomEks freget mear ynformaasje
g	'generally' ferfolle
?	Mercator: oardiel KomEks net dúdlik
x	Mercator: twifel oft ynformaasjefoarsjenning foldwaande wie foar oardiel

5.3. Gearfetting en oanbefellings kêst 10

Yn 'e sânde sykus is de KomEks posityf oer kêst 10, mei suver itselde oardiel as yn 'e sechsde sykus. Der is in efterútgong (foar in part ferfolle) foar kêst 10.2.g: 'Fryske toponimen' en in lytse ferbettering (formeel ferfolle) foar kêst 10.4.c: 'fersiken fan Fryske amtner om yn Fryslân oansteld te wurden.'

5.3.1. Bettere sichtberens Fryske taal

De KomEks hat in leger oardiel jûn foar kêst 10.2.g: 'Fryske toponimen' omdat dy by de besite amper Fryske of twatalige bebuoring sjoen hat. De KomEks konkludearret dat de sichtberens fan it Frysk mei Fryske of twatalige bebuoring net fanselsprekkend is foar alle lokale oerheden. It befoarderjen fan it brûken fan Fryske plaknammen yn gemeenten soe meinommen wurde kinne yn de BFTK 2024-2028 om de sichtberens te ferbetterjen.

5.3.2. Betizing "amtner" kêst 10.4.c

De KomEks freget gauris om mear ynformaasje, of jout it oardiel 'net ferfolle' foar it kêst 10.4.c oangeande it ynwilligjen fan fersiken fan Fryske amtner om yn Fryslân oansteld te wurden. Yn 'e sânde sykus is dat foar it earst it oardiel 'formeel ferfolle'. De Ingelske tekst fan it Hânfêst hat it oer 'public service employees', de Nederlânske en Fryske oersettings hawwe it oer amtner. De KomEks beskôget ek wurknimmers yn 'e soarchsektor bygelyks as 'public service employees.' Foar in posityf KomEksoardiel foar dit kêst, kin it Ryk der op wiisd wurde dat it kêst 10.4.c breder ynterpretearre wurde kin as wat yn it Nederlânsk of Frysk ûnder 'amtner' beskôge wurdt.

6. Kêst 11. Media

De folgjende paragrafen op it mêd Media binne ûndertekene troch it Ryk (Council of Europe, 1998; s. 8-9):

Kêst 11. Media

1. De Partijen ferplichtsje harren derta, foar de brûkers fan de regionale taal of taal fan in minderheid yn de gebieten dêr't dy taal praat wurdt, neffens de situaasje fan elke taal, foar safier't de autoriteiten direkt of yndirekt foech hawwe of in rol op dat mêd spylje en mei it earbidigjen fan it begjinsel fan de ûnôfhinklikheid en autonomy fan de media:

a. foar safier't radio en telefyzje in iepenbiere tsjinst binne:

iii. foar foldwaande foarsjennings te soargjen, mei it doel dat lju mei in stjoermachtiging programma's yn de regionale taal of taal fan in minderheid oanbiede;

bii. it geregeld útstjoeren fan radioprogramma's yn de regionale taal of taal fan in minderheid oan te moedigjen en/of makliker te meitsjen;

c.ii. it geregeld útstjoeren fan telefyzjeprogramma's yn de regionale taal of taal fan in minderheid oan te moedigjen en/of makliker te meitsjen;

f.ii. besteande maatregels foar finansjele stipe ek ta te passen op audiofisuele produksjes yn de regionale taal of taal fan in minderheid.

2. De Partijen ferplichtsje harren ta it garandearjen fan de frijheid fan streekrjochte ûntfangst fan radio- en telefyzjeútstjoerings út oanbuorjende lannen yn in taal dy't yn identike of soartgelikense foarm brûkt wurdt as in regionale taal of taal fan in minderheid en harren net te fersetten tsjin it op 'en nij útstjoeren fan radio- en telefyzjeprogramma's út oanbuorjende lannen yn sa'n taal. Fierders ferplichtsje sy harren derta derop ta te sjen dat der gjin beheinings oplein wurde sille oan de frijheid fan mieningsutering en it frije ferkear fan ynformaasje yn de skreaune parse yn in taal dy't yn identike of soartgelikense foarm brûkt wurdt as in regionale taal of taal fan in minderheid. It útoefenjen fan boppeneamde frijheden kin, omdat der plichten en ferantwurdlikheden mei anneks binne, ûnderwurpen wêze oan formaliteiten, betingsten, beheinings of sanksjes dy't yn in demokratyske mienskip troch de wet foarskreaun en needsaaklik binne, yn it belang fan de nasjonale feiligens, de territoriale yntegriteit of de iepenbiere feiligens, foar de previnsje fan disoarder of misdriuwen, foar de beskerming fan de folkssûnens of de goede seden, foar de beskerming fan de reputaasje of rjochten fan oaren, foar de previnsje fan de iepenbiering fan yn betrouwen krigen ynformaasje, of foar it hanthavenjen fan it gesach en de ûnpartidigens fan de rjochterlike macht.

6.1. Stân fan saken fan it ymplementearjen kêst 11, 7^e sykus

De KomEks sjocht in frije grutte sichtberens fan it Frysk yn 'e media, mei't de taal oanwêzich is op 'e radio, telefyzje en ynternet (sjoch par. 78). Troch de gearwurking mei de NOS is der boppedat faker it Frysk te hearren (mei Nederlânsktalige ûndertiteling) op nasjonale telefyzje (Rijksoverheid, 2021; sjoch par. 79). Yn de Mediawet 2008 wurdt in kwoarum foarskreaun foar it brûken fan it Nederlânsk en it Frysk, eat dat de KomEks oanmoediget omdat it taalgebrûk net oerlitten wurde moat oan mediabedriuwen sels (sjoch par. 29). Boppedat garandearje de Bestjoersôfspraken Frysk yn de media 2016 (Ministerie van Onderwijs, Cultuur en Wetenschap, 2016) folsleine, ûnôfhinklike en in brede programmearring en media yn it Frysk, beskikber makke op meardere kanalen en regelje dy ôfspraken de finansiering fan Omrop Fryslân (sjoch par. 78). De BFTK 2019-2023 leit de klam op Omrop Fryslân yn it haadstik media, sûnder yn te gean op oare mediafoarmen lykas Frysktalige tydskriften of kranten.

De KomEks ûnderstreket dat it brûken fan it Frysk op it ynternet en yn 'e sosjale media wiidferspraat is (sjoch par. 80). It Frysk op skrift is werom te finen yn útjeften fan *LinKk*, *de Moanne* en *Ensafh* dy't stipe wurde troch Provinsje Fryslân en *De Nije* (Rijksoverheid, 2021; sjoch par. 80). Ein 2022, nei it periodike rapport en KomEksrapport, is de *De Nije* opholden fanwegen in brekme oan finansiering (Omrop Fryslân, 2022b). Yn 'e kranten wurdt it Frysk sa no en dan brûkt foar artikels (sjoch par. 80).

6.1.1. Foar foldwaande foarsjennings te soargjen – kêst 11.1.a.iii

De KomEks sjocht de Bestjoersôfspraken Frysk yn de media 2016 as garânsje foar it geregeld útstjoeren fan Fryske radioprogramma's (sjoch par. 78). De KomEks neamt dat it Frysk op skrift sa no en dan te finen yn artikels fan de Ljouwerter Krante en it Frysk Deiblêd. It periodike rapport en de KomEks neame beide dat de Provinsje de útjefte fan *LinKk*, *de Moanne* en *Ensafh* stipet en dat de Ried fan de Fryske Beweging de útjefte fan *De Nije* fersoarget (Rijksoverheid, 2021, s.21; sjoch par. 80).

De KomEks is te sprekken oer it traineeprogramma foar sjoernalisten fan Omrop Fryslân, it Frysk Deiblêd en de Ljouwerter Krante (sjoch par. 30 en 81). Nederlân skriuwt yn it periodike rapport, dat der socht is nei Europeeske subsydzjemooglikheden foar dat programma, mar dat der noch gjin finansiering fûn is (s.21).

Mei it each op duorsume finansiering fan 'e oplieding fan sjoernalisten en it Frysk taalgebrûk yn skriftlike media, nûget de KomEks it Ryk út om te sjen nei de mooglikheid om kêsten 11.1.e en 11.1.g te ratifisearjen foar it Frysk (sjoch par. 30; sjoch ek haadstik 2.1.4 en 2.3.2).

kêst 11.1.e.

- i. de oprjochtingen/ of it yn stân hâlden fan op syn minst ien krante yn de regionale taal of taal fan in minderheid oan te moedigjen en/of makliker te meitsjen;
- ii. de geregelde publikaasje fan krante-artikels yn de regionale taal of taal fan in minderheid oan te moedigjen en/of makliker te meitsjen.

kêst 11.1.g

de oplieding fan sjoernalisten en oare meiwurkers foar media dy't in regionale taal of taal fan in minderheid brûke, te stypjen

It Ryk skriuwt yn har reaksje, dat de twa kranten yndie mar in pear artikels publisearje yn it Frysk, mar dat it Frysk wol faak oanwêzich is fanwegen it sitearjen fan Frysktaligen. Boppedat hat der in folslein Frysktalige útjefte west fan de Ljouwerter Krante foar it jubileum fan Kneppelfreed yn 2021. Yn fakatueres foar de kranten, wurdt faak frege nei twatalige sjoernalisten (sjoch side 41).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

6.1.2. Oanmoedigjen fan it geregeld útstjoeren fan radioprogramma's – kêst 11.1.b.ii

De KomEks beskôget de Bestjoersôfspraken Frysk yn de media 2016 as garânsje foar it geregeld útstjoeren fan Fryske radioprogramma's. Boppedat regelje dy ôfspraken de finansiering fan Omrop Fryslân (sjoch par. 78).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

6.1.3. Oanmoedigjen fan it geregeld útstjoeren fan televyzjeprogramma's – kêst 11.1.c.ii

De KomEks beskôget de Bestjoersôfspraken Frysk yn de media 2016 as garânsje foar it geregeld útstjoeren fan Fryske radioprogramma's. Boppedat regelje dy ôfspraken de finansiering fan Omrop Fryslân (sjoch par. 78).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

6.1.4. Finansjele stipe foar audiofisuele produksjes – kêt 11.1.f.ii

De finansiering foar Omrop Fryslân is mei de Bestjoersôfspraken Frysk yn de media 2016 garandearre (sjoch par. 78).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

6.1.5. Garânsje útwikseling Frysktalige media oer de grins hinne – kêt 11.2

De KomEks skriuwt net spesifyk oer dit kêt, mar beskôget it, lykas alle foargeande sykly, as 'ferfolle.'

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

6.2. Oersjoch rapportaazjesykly fan kêst 11

Tabel 5: Oardiel fan de KomEks oer it ymplemintearjen fan de paragrafen fan kêst 11, Media.

rapportaazjesykklus	1	2	3	4	5	6	7
publikaasjejier KomEksrapport	2001	2004	2007	2012	2016	2019	2022
kêst 11: media							
11.1.a.iii foldwaande foarsjennings						?	
11.1.b.ii geregeld útstjoeren fan radioprogramma's						?	
11.1.c.ii geregeld útstjoeren fan televyzjeprogramma's						?	
11.1.f.ii finansjele stipe foar audiofisuele produksjes							
11.2 útwikseling Frysktalige media oer de grins hinne							

Paragrafen fan kêst 11 dy't
(noch) net ratifisearre binne:

11.1.d; 11.1.e; 11.1.g; 11.3

lêswizer	
	ferfolle
	foar in part ferfolle
	formeel ferfolle
	net ferfolle
	KomEks freget mear ynformaasje
g	'generally' ferfolle
?	Mercator: oardiel KomEks net dúdlik
x	Mercator: twifel oft ynformaasjefoarsjenning foldwaande wie foar oardiel

6.3. Gearfetting en oanbefellings kêt 11

De KomEks is yn 'e sânde sykus posityf oer it Frysk yn 'e media en jout foar it earst sûnt ratifikaasje alle kêtten it oardiel 'ferfolle.'

6.3.1. Ratifisearjen fan mear paragrafen fan it Hânfêst

De KomEks advisearret it Ryk om te sjen nei de mooglikheden om twa kêtten mear te ratifisearjen wat media oangiet, om it Frysk duorsumer en mei in breder oanbod te boargjen yn it medialânskip. Dat binne kêtten 11.1.e: de tasizzing om in folsleine krante of om de geregelde publikaasje fan krante-artikels yn it Frysk oan te moedigjen en kêt 11.1.g: stipe foar de oplieding fan sjoernalisten en oare meiwurkers foar Fryske media (sjoch ek haadstik 2.1.4 en 2.3.2).

6.3.2. Ferbreedzjen fan de ôfspraken oer media

Yn it haadstik media yn 'e BFTK 2019-2023 leit de klam op Omrop Fryslân en wurde oare mediafoarmen – lykas Frysktalige tydskriften of kranten – net neamd. De Provinsje stipet oare mediafoarmen lykwols wol, bygelyks mei de finansjele stipe foar de útjefte fan *LinKk*, *de Moanne* en *Ensafh*.

As fersterking foar in duorsume en bredere media-oanbod, soe it Ryk en Provinsje mear ôfspraken opnimme kinne yn 'e BFTK, dat fierder sjocht as it telefyzje- en radio-oanbod.

7. Kêst 12. Kulturele aktiviteiten en foarsjennings

De folgjende paragrafen op it mêd Kulturele aktiviteiten en foarsjennings binne ûndertekene troch it Ryk (Council of Europe, 1998; s. 9-10):

Kêst 12. Kulturele aktiviteiten en foarsjennings

1. Oangeande kulturele aktiviteiten en foarsjennings – benammen biblioteken, fideoteken, kulturele sintra, museums, argiven, akademys fan wittenskippen, skouboargen en bioskopen, en ek letterkundige wurken en filmproduksjes, foarmen fan kulturele uterings yn de folkstaal, festivals en de kultueryndustry, mei ynbegryp fan ûnder oare it brûken fan nije technologyen – ferplichtsje Partijen harren derta, binnen it gebiet dêr't dy talen brûkt wurde en foar safier't de autoriteiten it foech hawwe of in rol spylje op dat mêd:

a. soarten uterings en inisjativen dy't eigen binne oan in regionale taal of taal fan in minderheid oan te moedigjen en de ûnderskate mooglikheden om tagong ta yn dy talen produsearre wurken te krijen, te befoarderjen;

b. de ûnderskate mooglikheden om yn oare talen tagong te krijen ta yn in regionale taal of taal fan in minderheid produsearre wurken te befoarderjen troch oersetting, neisyngronisaasje en ûndertiteling, te stypjen en te ûntwikkeljen;

d. derop ta te sjen dat de organen dy't ferantwurdlik binne foar it organisearjen of stypjen fan ferskate foarmen fan kulturele aktiviteiten, de kennis en it brûken fan in regionale taal of taal fan in minderheid yntegrearje yn de aktiviteiten dêr't sy it inisjatyf ta nimme of dêr't sy stipe oan biede;

e. maatregels te befoarderjen om der wis fan te wêzen dat de organen dy't ferantwurdlik binne foar it organisearjen of stypjen fan kulturele aktiviteiten, oer persoanen beskikke dat de oanbelangjende regionale taal of taal fan in minderheid, en ek de taal of talen fan it oare part fan de befolking, folslein behearsket;

f. te befoarderjen dat fertsjintwurdigers fan de brûkers fan in beskate regionale taal of taal fan in minderheid strekrjocht dielnimme oan it bieden fan foarsjennings en it plannen fan kulturele aktiviteiten;

g. de oprjochting oan te moedigjen en/of makliker te meitsjen fan ien of mear organen dy't ferantwurdlik binne foar it sammeljen en it bewarjen fan in eksimplaar fan yn de regionale taal of taal fan in minderheid produsearre wurken en it presintearjen of publisearjen dêrfan;

h. as dat nedich is, tsjinsten foar oersetting en terminologysk ûndersyk yn it libben te roppen en/of te befoarderjen en te finansieren, benammen om passende administrative, kommersjele, ekonomyske, sosjale, technyske of juridyske terminology yn alle regionale talen of talen fan minderheden yn stân te hâlden en te ûntwikkeljen.

2. Oangeande oare gebieten as dy wêr't de regionale taal of taal fan in minderheid by âlds brûkt wurdt, ferplichtsje de Partijen harren derta, as it tal brûkers fan in regionale taal of taal fan in minderheid dat rjochtfeardiget, passende kulturele aktiviteiten en foarsjennings neffens it foargeande lid ta te stean, oan te moedigjen en/of te bieden.

3. De Partijen ferplichtsje harren derta by it fieren fan harren bûtenlânske kultuerbelied in passend plak te jaan oan de regionale talen of talen fan minderheden en de kultuer dêr't dy in uteringsfoarm fan binne.

7.1. Stân fan saken fan it ymplemintearjen kêst 12, 7^e syklus

Sûnt Ljouwert Kulturele Haadstêd wie yn 2018, binne der noch altyd in soad kulturele aktiviteiten yn it Frysk (sjoch par. 83). Sa wurdt der yn it periodike rapport wurdt skreaun dat der ferskate projekten binne dy't fierder bouwe op Lân fan Taal, lykas Explore the North en City of Literature (Rijksoverheid, 2021, s. 21). Der is in libbene en bloeiende keunst en kultuer yn 'e provinsje, dêr't it Frysk in grut plak yn nimt, sa skriuwt de KomEks (sjoch par. 82).

7.1.1. Oanmoedigjen fan uterings, inisjativen en produksje – kêst 12.1.a

Organisaasjes lykas Tryater, de Fryske Akademy, Tresoar wurde stipe troch de Provinsje Fryslân en it Ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip en oare organisaasjes, lykas Keunstwurk en de Afûk krije stipe fan Provinsje Fryslân. Boppedat binne der yn Fryslân hûnderten amateurteatergroepen, iepenloftspullen, muzykferienings en koaren (sjoch par. 82).

Yn it periodike rapport skriuwt it Ryk dat Ljouwert as City of Literature in driuwende krêft yn de promoasje fan 'e Fryske literatuer is, bygelyks mei de skriuwersskoalle, en dat Provinsje Fryslân om de twa jier in nije Dichter fan Fryslân oanstelt (Rijksoverheid, 2021, s. 21). De KomEks werhellet dy aktiviteiten en neamt boppedat de subsydzjemooglikheden dy't Provinsje Fryslân beskikber stelt foar de Fryske literatuer (sjoch par. 83).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

7.1.2. Tagonglikens fan Fryske produksjes stypje troch oersetting, neisyngronisaasje en ûndertiteling – kêst 12.1.b

De KomEks neamt ferskate inisjativen foar it oersetten fan/nei it Frysk, lykas Mozilla yn it Frysk dat stipe waard troch Provinsje Fryslân, Frysker dat útbrocht is troch de Fryske Akademy en Oersetter dat makke is troch de Afûk (sjoch par. 85 en 86).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

7.1.3. Stipe oanbiede om it Frysk te yntegrearjen yn aktiviteiten fan 'e kulturele organen – kêst 12.1.d

De KomEks skriuwt dat it Letterenfonds Fryske literatuer belûkt by harren aktiviteiten. Sa kinne Fryske auteurs en oersetters beurzen oanfreegje foar harren wurk. Boppedat is der ek in programma foar regionaal talint. De KomEks freget lykwols om mear ynformaasje yn it folgjende periodike rapport oer it oantal suksesfolle oanfragen foar Fryske wurken (sjoch par. 88).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

7.1.4. Maatregels foar Frysktalich personiel yn 'e kulturele organen – kêst 12.1.e

De KomEks giet net eksplisyt yn op dizze maatregels, mar neamt wol de finansjele stipe foar ferskate ynstânsjes lykas Tryater, de Fryske Akademy, Tresoar, Keunstwurk en de Afûk (sjoch par. 82).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

7.1.5. Befoarderjen fan partisipaasje kulturele foarsjennings en aktiviteiten – kêst 12.1.f

De KomEks giet net eksplisyt yn op dit kêst oer it befoarderjen fan partisipaasje, mar neamt wol dat der yn Fryslân in grut en bloeiend oanbod is en dat njonken de grutte

ynstânsjes der yn Fryslân hûnderten amateurteatergroepen, iepenloftspullen, muzykferienings en koaren binne (sjoch par. 82).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

7.1.6. Befoarderjen fan orgaan foar it sammeljen en bewarjen fan Fryske wurken – kêst 12.1.g

De KomEks skriuwt dat it Frysk literatuermuseum en dokumintaasjesintrum Tresoar stipe wurdt troch Provinsje Fryslân en it Minstearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip (sjoch par. 82). Lykwols hat de KomEks soargen oer de finansjele stipe fan Tresoar, omdat de KomEks te hearren krige mei har besite dat, nettsjinsteande de ôfspraken yn de BFTK en de tasizzings fan de minister foar Primêr en Fuortset ûnderwiis en foar Media, it Ryk oan Provinsje Fryslân oanjûn hat dat it net langer de stipe fuortsette wol foar Tresoar (sjoch fuotnoat 37).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

7.1.7. Befoarderjen fan tsjinsten foar oersetting en terminologysk ûndersyk – kêst 12.1.g

De KomEks neamt ferskate inisjativen foar it oersetten fan/nei it Frysk, lykas Mozilla yn it Frysk dat stipe waard troch Provinsje Fryslân, Frysker dat útbrocht is troch de Fryske Akademy en Oersetter dat makke is troch de Afûk (sjoch par. 85 en 86).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

7.1.8. Befoarderjen fan passende kulturele aktiviteiten en foarsjennings – kêst 12.2

Der wurde meardere ynstânsjes, inisjativen en projekten neamd troch de KomEks, dy't skriuwt dat Fryslân in libjend en bloeiend oanbod hat foar keunst en kultuer. Sa wurde net allinne ynstânsjes lykas Tryater, de Fryske Akademy, Tresoar, Keunstwurk en de Afûk neamd, mar ek inisjativen lykas Dichter fan Fryslân en projekten lykas Taal fan it hert, SJONG, Mozilla Wike, of digiTales (sjoch par. 82, 83, 84 en 85).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

7.1.9. Passend plak foar it Frysk yn it bûtenlânske kultuerbelied – kêst 12.3

De KomEks skriuwt dat, lykas ôfpraat yn de BFTK, de Nederlânske ambassades de Fryske taal en kultuer befoarderje. Sa wurket Pier21 gear mei de ambassade yn Rome. It Frysk wurdt op ad hoc basis opnommen yn guon aktiviteiten (sjoch par. 89).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

7.2. Oersjoch rapportaazjesykly fan kêst 12

Tabel 6: Oardiel fan de KomEks oer it ymplementearjen fan de paragrafen fan kêst 12. kulturele aktiviteiten en foarsjennings

rapportaazjesykus	1	2	3	4	5	6	7
publikaasjejier KomEksrapport	2001	2004	2007	2012	2016	2019	2022
kêst 12: kulturele aktiviteiten en foarsjennings							
12.1.a oanmoedigjen uterings, inisjativen en produksje							
12.1.b tagonglikens fan Fryske produksjes							
12.1.d Frysk yn aktiviteiten kulturele organen							
12.1.e Frysktalich persoanen yn 'e kulturele organen							
12.1.f partisipaasje kulturele foarsjennings							
12.1.g sammeljen en bewarjen fan Fryske wurken							
12.1.h oersetting en terminologysk ûndersyk							
12.2 passende kulturele aktiviteiten en foarsjennings							
12.3 Frysk yn it bûtenlânske kultuerbelied							

Paragrafen fan kêst 12 dy't
(noch) net ratifisearre binne:

12.1.c

lêswizer	
	ferfolle
	foar in part ferfolle
	formeel ferfolle
	net ferfolle
	KomEks freget mear ynformaasje
g	'generally' ferfolle
?	Mercator: oardiel KomEks net dúdlik
x	Mercator: twifel oft ynformaasje foarsjening foldwaande wie foar oardiel

7.3. Gearfetting en oanbefellings kêt 12

De KomEks is tige posityf oer kêt 12 en hat alle paragrafen, lykas yn 'e sechsde syklus, as 'ferfolle' oanmurken. Wol hat de KomEks soargen oer de finansjele stipe fan Tresoar, omdat it Ryk oan Provinsje Fryslân oanjûn hat dat it net langer de stipe fuortsette wol. Fierders freget de KomEks oangeande kêt 12.1.d it Ryk om yn it folgjende periodike rapport mear ynformaasje te jaan oer it oantal suksesfolle subsydzje-oanfragen foar Fryske wurken by it Letterenfonds.

8. Kêst 13. Ekonomysk en sosjaal libben

De folgjende paragrafen op it mêd Ekonomysk en sosjaal libben binne ûndertekene troch it Ryk (Council of Europe, 1998; s. 10):

Kêst 13. Ekonomysk en sosjaal libben

1. Oangeande ekonomyske en sosjale aktiviteiten ferplichtsje de Partijen harren derta yn it hiele lân:

a. út harren wetjouwing alle bepalings wei te nimmen wêrtroch't sûnder rjochtfeardige redenen it brûken fan in regionale taal of taal fan in minderheid yn dokuminten oangeande it ekonomyske of sosjale libben ferbean of beheind wurdt, benammen yn arbeidsoerienkomsten en yn technyske dokuminten lykas gebrûksoanwizings foar produkten of apparaten;

c. harren te fersetten tsjin praktiken rjochte op it ûntmoedigjen fan it brûken fan in regionale taal of taal fan in minderheid yn ferbân mei ekonomyske of sosjale aktiviteiten;

d. it brûken fan in regionale taal of taal fan in minderheid mei oare as de yn de foargeande letters neamde middels makliker te meitsjen en/of oan te moedigjen.

2. Oangeande ekonomyske en sosjale aktiviteiten ferplichtsje de Partijen harren derta, foar safier't de autoriteiten dêrta it foech hawwe, binnen it gebiet dêr't de regionale taal of taal fan in minderheid brûkt wurdt en foar safier't dat yn reedlikheid mooglik is:

b. yn de streekrjocht ûnder harren tafersjoch steande ekonomyske en sosjale sektoaren (oerheidssektor) aktiviteiten te organisearjen om it brûken fan in regionale taal of taal fan in minderheid te befoarderjen;

c. te garandearjen dat sosjale foarsjennings lykas sikehuzen, âldereinhuzen en oare tehuzen de mooglikheid biede om persoanen dy't in regionale taal of taal fan in minderheid brûke en dy't op grûn fan in minne sûnens, âldens of om oare redenen ferlet hawwe fan soarch, yn harren eigen taal te ûntfangen en te behanneljen.

8.1. Stân fan saken fan it ymplemintearjen kêst 13, 7^e syklus

De BFTK 2019-2023 hat ôfspraken om it Frysk taalgebrûk te garandearjen en/of stimulearjen yn it bedriuwlibben en yn it sosjale libben, mei maatregels op it mêd fan Frysk yn 'e soarch (Rijksoverheid, 2018; sjoch par. 90).

It periodike rapport referearret earst oan kêst 7.1.d en hellet dêrnei it advysrapport fan E&E advies (Nicolai et al., 2020) oan oer it Frysk yn it bedriuwslibben. Sawol yn it periodike rapport en as it KomEksrapport stiet dat Provinsje Fryslân nei de pandemy oan de slach sil mei de oanbefellings fan dat rapport (Rijksoverheid, 2021; sjoch par. 91). De KomEks skriuwt ek oer de Club Diplomatique Fryslân, dy't in ekskurzje makke hat nei Wales om ynspiraasje op te dwaan oer taal, identiteit en kultuer (sjoch par. 91). Fierders wurde yn beide rapporten de inisjativen fan de Afûk oangeande Frysk yn 'e supermerk en yn 'e soarch oanhelle en de inisjativen oangeande ynformaasje oer COVID-19 (Rijksoverheid, 2021; sjoch par. 91 en 93). It Ryk skriuwt ek oer ûndersyk nei Frysk yn 'e soarch en nei meartaligens, dêr't it lêstneamde de Klokhuis Wittenskipspriis foar krigen hat.

8.1.1. Gjin wetlike beheining foar Frysk yn dokuminten – kêst 13.1.a

Der wurdt net spesifyk yngien op dit kêst en de KomEks jout itselde oardiel as eardere sykly: ferfolle. Dat oardiel is basearre op 'e Wet van 22 november 2001, dy't it mooglik makke om it Frysk te brûken by notariële akten en dêrtroch by de Keamer fan Keaphannel (Council of Europe, 2004).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

8.1.2. Ferset tsjin ûntmoedigjende praktiken – kêst 13.1.c

Der wurdt net spesifyk yngien op dit kêst en de KomEks jout itselde oardiel as eardere sykly: ferfolle.

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e syklus: ferfolle.

8.1.3. Frysk gebrûk makliker te meitsjen/ oanmoedigje – kêst 13.1.d

De BFTK 2019-2023 hat ôfspraken om it Frysk taalgebrûk te stimulearjen yn it bedriuwslibben. De KomEks hat lykwols kritek dêrop, omdat de ynspanning foar dy promoasje allinne leit by de Provinsje. De KomEks is fan betinken dat de ymplemintaasje fan maatregels om it Frysk te fasilitearjen en/of stimulearjen op nasjonaal nivo barre moat (sjoch par. 90 en 173). De KomEks neamt ek foarbylden dêrfoar, lykas prizen foar inisjativen foar Frysk taalgebrûk, om pilot-projekten de publisiteit te jaan of by it ferlienen fan fergunningen it Frysk taalgebrûk as betingst hawwe (sjoch fuotnoat 41).

It oardiel is leger as yn 'e 6^e syklus: foar in part ferfolle.

8.1.4. Taalpromoasje-aktiviteiten yn oerheidssektor – kêt 13.2.b

Yn it periodike rapport skriuwt it Ryk oer it inisjatyf fan 'e Provinsje, it NPLD, Omrop Fryslân en oare organisaasjes om materiaal beskikber te meitsjen oer maatregels foar COVID-19. Boppedat hat it Ryk de app en advertinsjes oangeande COVID-19 en de kampanje foar orgaandonaasje beskikber makke yn it Frysk (Rijksoverheid, 2021; sjoch ek haadstik 2.1.3).

Yn it earste KomEksrapport wie de KomEks net te sprekken oer de wegering fan de NS om offisjele Fryske plaknammen te brûken (Council of Europe, 2001a). Yn it fjirde KomEksrapport skriuwt de KomEks dat it yn te tinken is, dat it Frysk taalgebrûk as ekstra betingst opnommen wurde kin yn 'e oanbestegingsproseduere foar de spoarwegen (Council of Europe, 2012). Yn it sânde rapport werhellet de KomEks dy oanbefelling (sjoch par. 92). Foarbylden fan sokke betingsten binne it brûken fan it Frysk yn klantekontakt mei Friezen, yn reisyformaasje en mei topografyske oantsjittings en bebuording (Council of Europe, 2012, par. 144).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e sykus: foar in part ferfolle.

8.1.5. Garânsje gebrûk Frysk foar lju yn sosjale foarsjennings lykas sikehuzen, âldereinhuzen en oare tehuzen – kêt 13.2.c

Yn BFTK 2019-2023 is Provinsje Fryslân ferantwurdlik foar de útfiering fan it projekt *Frysk yn 'e soarch* (sjoch par. 93). It is de KomEks net dúdlik oft de kursussen Frysk noch oanbean wurde op it mbû yn 'e soarchsektor (sjoch par. 94). De KomEks stelt fêst dat der in grut ferskil sit wat Frysk taalbelied oangiet tusken soarchynstellings dy't troch it Ryk finansiere wurde en soarchynstellings dy't troch gemeenten finansiere wurde. Op gemeentlik nivo is Frysk taalbelied faak ûnderdiel fan de oanbestegingsproseduere, mei de betingst dat minsken dy't gebrûk meitsje fan de sosjale foarsjennings it Frysk brûke meie (sjoch par. 93).

De KomEks nûget de nasjonale oerheid út in dúdlik wetlik ramt te meitsjen om de mooglikheid om it Frysk te brûken te garandearjen foar sawol meiwurkers as minsken dy't gebrûk meitsje fan de sosjale foarsjennings. Om dat mooglik te meitsjen moat der foar personiellssaken struktureel belied komme, mei bygelyks regeljouwing oangeande relevante kwalifikaasjekritearia en it rekken hâlden mei Fryske taalbehearsking, of it foarsjen of oanmoedigjen om de Fryske taalbehearsking fan bestand persoanien te ferbetterjen (sjoch par. 94).

It oardiel is itselde as yn 'e 6^e sykus: foar in part ferfolle.

8.2. Oersjoch rapportaazjesykly fan kêst 13

Tabel 7: Oardiel fan de KomEks oer it ymplemintearjen fan de paragrafen fan kêst 13. Ekonomysk en sosjaal libben

rapportaazjesykklus	1	2	3	4	5	6	7
publikaasjejier KomEksrapport	2001	2004	2007	2012	2016	2019	2022
Kêst 13 Ekonomysk en sosjaal libben							
13.1.a gjinn wetlike beheining foar Frysk yn dokuminten	g						
13.1.c ferset tsjin ûntmoedigjende praktiken	g						
13.1.d Frysk gebrûk makliker te meitsjen/oanmoedigje							
13.2.b taalpromoasje-aktiviteiten yn oerheidssektor							
13.2.c garânsje gebrûk Frysk foar lju yn sosjale foarsjennings lykas sikehuzen, âldereinhuzen							

Paragrafen fan kêst 13 dy't
(noch) net ratifisearre binne:

13.1.b; 13.2.a; 13.2.d; 13.2.e

lêswizer	
	ferfolle
	foar in part ferfolle
	formeel ferfolle
	net ferfolle
	KomEks freget mear ynformaasje
g	'generally' ferfolle
?	Mercator: oardiel KomEks net dúdlik
x	Mercator: twifel oft ynformaasje foarsjenning foldwaande wie foar oardiel

8.3. Gearfetting en oanbefellings kêt 13

Yn 'e sânde sykus hat de KomEks suver itselde oardiel as yn 'e sechsde sykus, mei in efterútgong (foar in part ferfolle) foar kêt 13.1.d, om it Frysk taalgebrûk makliker te meitsjen of oan te moedigjen.

8.3.1. KomEks wol mear inisjatyf sjen fan it Ryk

De KomEks fynt it soarchlik dat de útfiering fan ôfspraken fan de BFTK 2019-2023 gauris de ferantwurdlik is fan allinne Provinsje Fryslân. De KomEks is fan betinken dat maatregels om it Frysk te fasilitearjen en/of stimulearjen op nasjonaal nivo barre moat. Dat hat ek de oanlieding west om kêt 13.1.d in leger oardiel te jaan as earder.

De KomEks neamt foarbylden om mear inisjatyf te nimmen op nasjonaal nivo. Sa kin it Ryk prizen útrikke oan inisjativen foar Frysk taalgebrûk, of kin it pilot-projekten mear publisiteit jaan. De KomEks neamt in pear kear de mooglikheid om it Frysk taalgebrûk as betingst te meitsjen, bygelyks by it ferlienen fan fergunningen, by oanbestegings foar de spoarwegen en by personielsaken yn 'e soarch.

It Ryk soe der op ferge wurde kinne om mear ferantwurdlikheid te nimmen oangeande it Frysk taalgebrûk yn ekonomysk en sosjaal libben. It Frysk taalgebrûk kin bygelyks opnommen wurden yn fergunnings- en oanbestegingsprosedueres oangeande de spoarwegen en personielsaken yn 'e soarch.

8.3.2. KomEks wol wetlik ramt Frysk yn 'e soarch

Wat soarch oangiet, sjocht de KomEks in grut ferskil sit wat Frysk taalbelied oangiet tusken soarchynstellings dy't troch it Ryk of gemeenten finansiere wurde. Op gemeentlik nivo is Frysk taalbelied nammentlik faak ûnderdiel fan 'e oanbestegingsprosedueres.

De KomEks fynt boppedat dat Frysk yn 'e soarch net allinne de ferantwurdlikheid wêze moat fan Provinsje Fryslân en nûget it Ryk út om in dúdlik wetlik ramt te meitsjen om de mooglikheid om it Frysk te brûken te garandearjen foar sawol meiwurkers as minsken dy't gebrûk meitsje fan de sosjale foarsjennings.

Dat wetlike ramt moat struktureel belied jaan foar personielsaken. Sa soe der regeljouwing komme moatte foar Fryske taalfeardigens as kwalifikaasjekritearium. Boppedat soe it besteande personiel yn 'e soarchsektor oanmoedige wurde moatte op harren taalfeardigens te ferbetterjen.

It Ryk soe de oanbefellings fan de KomEks oangeande Frysk yn 'e soarch útfiere kinne troch mear ferantwurdlikheid te dragen foar de ôfspraken yn 'e nije BFTK en boppedat in wetlik ramt te bieden foar it Frysk taalgebrûk yn soarchynstellings.

9. Kêst 14. Utwikselings oer grinzen hinne

De folgjende paragrafen op it mêd Útwikselings oer grinzen hinne binne ûndertekene troch it Ryk (Council of Europe, 1998; s. 10):

Kêst 14. Útwikselings oer grinzen hinne

De Partijen ferplichtsje harren derta:

a. de besteande bilaterale of multilaterale oerienkomsten mei de Steaten dêr't deselde taal yn identike of soartgelikense foarm brûkt wurdt ta te passen, of as dat nedich is te stribjen nei it sluten fan sokke oerienkomsten, sa dat kontakten tusken de brûkers fan deselde taal yn de oanbelangjende Steaten op it mêd fan kultuer, ûnderwiis, ynformaasje, beropsoplieding en permaninte edukaasje befoardere wurde;

b. foar regionale talen of talen fan minderheden de gearwurking oer de grins hinne, benammen tusken regionale of pleatslike autoriteiten yn waans gebiet deselde taal yn identike of soartgelikense foarm brûkt wurdt, makliker te meitsjen en/of te befoarderjen.

9.1. Stân fan saken fan it ymplementearjen kêst 14, 7^e sykus

Yn it periodike rapport wurdt ûnder kêst 14 gjin nije ynformaasje jûn, mar referearre oan de ynformaasje dy't jûn is ûnder diel II, by kêsten 7.1.e, 7.1.i en 7.3. Foar de ynformaasjefoarsjenning kin dat yn it neidiel wêze en wannear't de KomEks gjin nije ynformaasje ûntfangt, kin in kêst itselde oardiel krije as de eardere sykus.

9.1.1. Befoarding útwikseling tusken de brûkers fan deselde taal – kêst 14.a

It Ryk skriuwt oangeande kêst 7.3 oer ferskate inisjativen en projekten, lykas it kontakt tusken Provinsje Fryslân en Sranan en Papiamintske sprekkers op Bonaire en Ljouwert as UNESCO City of Literature (Rijksoverheid, 2021). De KomEks skriuwt dat der regelmjittige útwikselings binne mei de Sater-Friezen en Noard-Friezen yn Dútslân. De Fryske Rie, de

Fryske Akademy en de ôfdieling Frysk fan de Ryksuniversiteit Grins spylje dêrby in grutte rol (sjoch par. 95).

It oardiel is itselde as yn 'e 6e syklus: ferfolle.

9.1.2. Befoarding útwikseling tusken regionale of pleatslike autoriteiten – kêst 14.b

De BFTK 2019-2023 wol de ynter-Fryske kontakten tusken Fryslân en Dútske dielsteaten fierder fersterkje en ynstitusjonalisearje (sjoch par. 96).

It oardiel is itselde as yn 'e 6e syklus: ferfolle.

9.2. Oersjoch rapportaazjesykly fan kêst 14

Tabel 8: Oardiel fan de KomEks oer it ymplemintearjen fan de paragrafen fan kêst 14 Útwikselings oer grinzen hinne

rapportaazjesykus	1	2	3	4	5	6	7
publikaasjejier KomEksrapport	2001	2004	2007	2012	2016	2019	2022
kêst 14 útwikselings oer grinzen hinne							
14.a útwiksling tusken de brûkers fan deselde taal	g						
14.b útwiksling tusken regionale of pleatslike autoriteiten	g						

Paragrafen fan kêst 14 dy't
(noch) net ratifisearre binne:

alle paragrafen binne ratifisearre.

lêswizer	
	ferfolle
	foar in part ferfolle
	formeel ferfolle
	net ferfolle
	KomEks freget mear ynformaasje
g	'generally' ferfolle
?	Mercator: oardiel KomEks net dúdlik
x	Mercator: twifel oft ynformaasje foarsjenning foldwaande wie foar oardiel

9.3. Gearfetting en oanbefellings kêst 14

De KomEks is yn 'e sânde syklus posityf oer kêst 14 en hat beide paragrafen, lykas yn 'e sechsde syklus, as 'ferfolle' oanmurken.

9.3.1. Rapportaazje ûnder kêst diel II yn stee fan diel III

It Ryk hat neat skreaun ûnder kêst 14 en referearret oan de ynformaasje dy't earder jûn is ûnder diel II, by kêsten 7.1.e, 7.1.i en 7.3. De ynformaasje foarsjenning is dêrtroch fan mindere kwaliteit, omdat it net altyd like dúdlik is wat it Ryk beskôget as de útfiering fan kêst 14. Wannear't de KomEks gjin nije ynformaasje ûntfangt, kin in kêst itselde oardiel krije as de eardere syklus. In kêst soe sadwaande in oardiel krije kinne dat net mear past by de werklike situaasje.

It Ryk soe der op ferge wurde moatte om ynformaasje te jaan by diel III, sadat kêst 14.a en kêst 14.b net op de eftergrûn reitsje.

9.3.2. Mooglikheden om mear ynformaasje te jaan

Ek al is de KomEks posityf, der is wierskynlik folle mear te skriuwen oer dit kêst as dat it periodike rapport en it KomEksrapport dogge. Der binne mear organisaasjes dy't harren dwaande hâlde mei Europeeske taal minderheden en útwikseling as dy't neamd wurde. Guon dêrfan wurde oanhelle yn it periodike rapport yn it KomEksrapport, bygelyks in ekskurzje fan DINGtiid en Club Diplomatique Fryslân, mar binne net werom te finen ûnder kêst 14.

Provinsje Fryslân en it Ryk kinne der op ferge wurde om mear ynformaasje te jaan oangeande kêst 14.

10. Systematysk oersjoch rapportaazjesykly 1 oant en mei 7

rapportaazjesyklus publikaasjejier KomEksrapport	1 2001	2 2004	3 2007	4 2012	5 2016	6 2019	7 2022
kêst 7: doelstellings en begjinsels							
7.1.a							
7.1.b							
7.1.c							
7.1.d							
7.1.e							
7.1.f							
7.1.g							
7.1.h							
7.1.i							
7.2							
7.3							
7.4							
kêst 8: ûnderwiis							
8.1.a.ii							
8.1.b.ii							
8.1.c.iii						?	
8.1.e.ii						x	
8.1.f.i							
8.1.g							
8.1.h							
8.1.i							
8.2							
kêst 9: rjochterlike autoriteiten							
9.1.a.ii							
9.1.a.iii							
9.1.b.iii							x
9.1.c.ii							x
9.1.c.iii							x
9.2.b							x
kêst 10: bestjoerlike autoriteiten en iepenbiere tsjinsten							
10.1.a.v							
10.1.c							
10.2.a							

10.2.b							
10.2.c							
10.2.d							
10.2.e							
10.2.f							
10.2.g							
10.4.a							
10.4.c							
10.5							
kêst 11: media							
11.1.a.iii						?	
11.1.b.ii						?	
11.1.c.ii						?	
11.1.f.ii							
11.2							
kêst 12: kulturele aktiviteiten en foarsjennings							
12.1.a							
12.1.b							
12.1.d							
12.1.e							
12.1.f							
12.1.g							
12.1.h							
12.2							
12.3							
kêst 13: ekonomysk en sosjaal libben							
13.1.a	g						
13.1.c	g						
13.1.d							
13.2.b							
13.2.c							
kêst 14: útwikselings oer grinzen hinne							
14.a	g						
14.b	g						

lêswizer	
	ferfolle
	foar in part ferfolle
	formeel ferfolle
	net ferfolle
	KomEks freget mear ynformaasje
g	'generally' ferfolle
?	Mercator: oardiel KomEks net dúdlik
x	Mercator: twifel oft ynformaasjefoarsjenning foldwaande wie foar oardiel

11. Mooglike ferfolchaksjes

Yn dit rapport is yn opdracht fan DINGtiid de sânde rapportaazjesykclus fan it Hânfêst oandachtich bestudearre by it Mercator Europeesk Kennisintrum. It rapport is in oanfolling op it DINGtiidrapport fan 2018 en de update fan 2021. Yn it rapport wurdt de sânde rapportaazjesykclus ferlike mei de foargeande rapportaazjesykly en is der reflektearre: 1) wat der feroare is; 2) oft de ynformaasjefoarsjenning foar de KomEks foldwaande is; 3) hokfoar saken oft der opfalle yn 'e sânde sykclus.

Dit ûndersyk nei de sânde rapportaazjesykclus en it systematyske oersjoch fan alle rapportaazjesykly meitsje it mooglik om kritysk te sjen nei de ymplementaasje fan it Hânfêst, de kwaliteit fan 'e ynformaasjefoarsjenning en om guon saken út te ljochtsjen. De mearderheid fan alle paragrafen hawwe it oardiel "ferfolle" krigen fan de KomEks. Nettsjinsteande is der op in tal mêden in heger oardiel mooglik. Foar mooglike ferbettering fan 'e ymplementaasje en positivere oardielen fan 'e KomEks kinne der sadwaande in oantal foarsetten jûn wurde foar ferfolchaksjes.

1. Ferbetterje it Frysk ûnderwiis op alle ûnderwiisnivo's en fersterkje de trochgeande learline fan pjut oant PhD, sadat alle learlingen de kânsen hawwe om in goede Fryske taalfeardigens (lêzen, skriuwen, praten en harkjen) te ûntwikkeljen.

It Komitee fan Ministers hat elke sykclus de haadoanbefelling om it Frysk ûnderwiis op alle ûnderwiisnivo's te ferbetterjen (Committee of Ministers, 2001; 2004; 2008; 2012; 2016; 2020). It sânde rapportaazjesykclus is dêr net oars yn: "set it ferbetterjen troch fan it ûnderwiis yn en fan it Frysk op alle ûnderwiisnivo's en it gebrûk fan it Frysk yn foarskoalsk ûnderwiis" (Committee of Ministers, 2023).

Foarskoalsk ûnderwiis

De KomEks achtet it needsaaklik dat de nasjonale, provinsjale en lokale oerheden op in pro-aktive wize aksje ûndernimme foar it Frysk op foarskoalsk ûnderwiis. It oanbod moat foarsjen kinne yn 'e bern harren behoeften en foar elkenien yn 'e provinsje tagonklik wêze.

Basisûnderwiis

It kêst oangeande basisûnderwiis kriget as iennichste it oardiel "net ferfolle" yn 'e sânde sykclus. Wol Nederlân foldwaan oan it kêst 8.1.b.ii, dêr't ûnderskreaun is dat ûnderwiis foar in "oanmerklik part" yn it Frysk oanbean wurdt, dan moatte der hegere ambysjes komme. In "oanmerklik part" betsjut: it Frysk as fak foar minstens 3 oeren yn 'e wike en it Frysk as ynstruksjetaal foar 50% fan 'e lestiid. It basisûnderwiis moat de kânsen biede foar alle

learlingen om de Fryske taalbehearsking op nivo te ûntwikkeljen. Taalplan Frysk 2030 set al yn om ûntheffings foar it Frysk út te fazearjen. De keardoelen fan it Frysk soene wer lyksteld wurde moatte oan it Nederlânsk en it tal lesieren en it brûken fan it Frysk as ynstruksjetaal soe (fink) ferhege wurde moatte.

Fuortset ûnderwiis

Wol Nederlân foldwaan oan it kêt 8.c.iii, dêr't ûnderskreaun is dat Frysk in "yntegrearjend part" wêze moat fan it learplan, dan moatte der hegere ambysjes komme. In "yntegrearjend part" komt del op in oanbod fan likernôch 3 oeren Frysk as fak yn 'e wike, yn sawol ûnder- as boppebou. De keardoelen fan it Frysk soene wer lyksteld wurde moatte oan it Nederlânsk en it tal lesieren soe (fink) ferhege wurde moatte, yn alle jierren fan it fuorset ûnderwiis.

mbû

Foar it stypjen fan it ûnderwiis as gehiel en in trochgeande learline riedt de KomEks oan om kêt 8.1.d oangeande it mbû te ratifisearjen. Boppedat kin sa it Frysk yn it foarskoalsk ûnderwiis (kêt 8.1.a.ii) en de dosinte-oplieding (kêt 8.1.h) fersterke wurde, mei't op it mbû de pedagogyske oplieding plakhat.

Heger en universitêr ûnderwiis

Der mist op it stuit in duorsum (nasjonaal) belied wat betref it Frysk op universitêr nivo. Dêrom befellet de KomEks oan om de hjoeddeistige mooglikheden foar it bestudearjen fan it Frysk op universitêr nivo te konsolidearjen mei in sterke, sichtbere en duorsume stúdzje Fryske taal en kultuer op universitêr nivo, bûten de BFTK om.

Tagelyk binne der soargen oer de hjoeddeistige stúdzjemooglikheden, want dy foldogge net oan it ûnderskreaune kêt 8.1.e.ii. De KomEks warskôget dat de hjoeddeistige stúdzjemooglikheden (it Fryske stúdzjespoar yn in bredere stúdzje) yn kombinaasje mei de fersnipeling fan stúdzjemooglikheden en de learstoel Frysk foar swierrichheden soargje kinne wat betref de kwaliteit fan kennisoerdracht en de mooglikheden foar universitêre ûntwikkeling.

2. Garandearje it rjocht om Frysk te brûken yn 'e rjochtbank

len fan de haadoanbefellings fan it Komitee fan Ministers is om it rjocht om Frysk te brûken yn 'e rjochtseal te garandearjen en de ynset fan kwalifisearre tolken te fersekerjen (Committee of Ministers, 2023).

It Ryk skriuwt yn it periodike rapport en yn 'e reaksje op it KomEksrapport dat dy de foarkar hat om rjochters, griffiers en iepenbiere oankleiers dy't it Frysk passyf behearskje

yn tsjinst te hawwen/nimmen by de rjochtbank en it gerjochtshôf. De ynset fan tolken soe sa minder needsaaklik wêze. Om it rjocht om Frysk te brûken yn 'e rjochtbank te garandearjen, kin it Ryk der op ferge wurde om dêrop yn te setten. Boppedat moat in beëdige tolk ynset wurde wannear't dat nedich is. Dêrfoar is it nedich dat der wurke wurdt oan it einigjen fan de langrinnende kwestje tusken it Iepenbier Ministearje en de tolken oer harren fergoeding.

De KomEks beskôget fanwegen dyselde tolkekwestje de kâsten 9.1.a.ii en 9.1.a.iii oangeande strafmjochtlike prosedueren allinne noch as formeel ferfolle. It liket der op dat de KomEks net de goede ynformaasje hie oer de tolkefergoeding. It is dêrom de fraach oft de KomEks eventueel in te posityf oardiel jûn hat foar de kâsten 9.1.b.iii, 9.1.c.ii, 9.1.c.iii of 9.2.b oangeande sivile en administrative prosedueren. Mocht de tolkekwestje it folgjende rapport noch spylje, dan hat it kâns dat it folsleine kâst 9 net mear as ferfolle beskôge wurdt.

3. Soargje foar mear algemiene kennis oer it Frysk troch de taal en kultuer oan it nasjonale kurrikulum ta te heakjen

It Komitee fan Ministers en de KomEks jouwe in haadoanbefelling om algemiene kennis oer de erkende taalminderheden te ferbetterjen en om de taal en kultuer fan dy minderheden oan it nasjonale kurrikulum ta te heakjen (Committee of Ministers, 2023).

De KomEks is fan betinken dat der net genôch maatregels yn it ûnderwiis en de media bestean om it bewustwêzen by in breed publyk te fergrutsjen, foar alle erkende talen en it Frysk. De KomEks konkludearret der dat der mear Frysk lesmateriaal, sawol printe as online, komme moat om te brûken yn 'e skiednislessen op middelbere skoalle. Tagelyk ropt de KomEks it Ryk op om sok lesmateriaal oangeande de skiednis en kultuer fan de erkende talen oan it nasjonale kurrikulum foar de Nederlânske skiednis ta te heakjen. Dêrby nûget de KomEks it Ryk út om lid te wurden fan de Observatory on History Teaching in Europe.

Om in heger oardiel te krijen foar kâst 7.3 en kâst 8.1.g oangeande it befoarderjen fan ûnderling begryp en tolerânsje foar taalferskaat en Fryske skiednis en kultuer yn it ûnderwiis, moat it lesmateriaal oer Fryske skiednis en kultuer net allinne ferbettere wurde, mar moat it ek op nasjonaal nivo beskikber makke wurde. Boppedat moat de Fryske taal en kultuer, lykas de oare erkende talen, oan it nasjonale kurrikulum taheakke wurde.

4. Belûk de belanghawwers en fertsjintwurdigers fan 'e Fryske taalmienskip better by oerheidsbesluten.

In haadoanbefelling foar direkte aksje fan de KomEks is it belûken fan belanghawwers en

fertsjintwurdigers fan 'e Fryske taalmienskip by it ûnderhannelingsproses fan 'e BFTK 2024-2028. It belûken fan fertsjintwurdigers en belange-organisaasjes wurdt ek oanhelle om de ûnderwiisstruktuer foar it Frysk te ferbetterjen.

5. Soargje foar in goede ynformaasjefoarsjenning yn it periodike rapport

Yn it sânde periodike rapport falt it op dat it Ryk gauris foar ynformaasje oer diel III referearret oan diel II. It is net rjocht dúdlik wêrom't it Ryk alle ynformaasje oangeande kêsten 8.1.a.ii, 8.1.e.ii, 8.1.f.ii, 8.2 en kêst 14 oanbiedt yn diel II yn stee fan by diel III. Troch te ferwizen nei algemienere ynformaasje yn diel II, is it somtiden net dúdlik hokfoar ynformaasje jûn wurdt (of mist) foar kêsten yn diel III. Wannear't de KomEks gjin nije of folsleine ynformaasje ûntfangt, kin in kêst itselde oardiel krije as de eardere syklus. In kêst soe sadwaande in oardiel krije kinne dat net mear past by de werklike situaasje. Fierders kin de KomEks ek beslute it kêst hielendal gjin oardiel te jaan, sa't de KomEks besletten hat foar kêst 8.2 yn 'e sânde syklus.

It Ryk soe der op ferge wurde moatte om sa folslein mooglik te wêzen yn 'e ynformaasjefoarsjenning en ynformaasje te jaan by elk kêst ûnder diel II en III, lykas it foarbyld foar periodike rapporten, dat op de webside fan de Ried fan Europa te finen is (Council of Europe, 2019d).

6. Sjoch nei de mooglikheden om mear kêsten te ratifisearjen om it ûnderwiis en besteande inisjativen te fersterkjen

De KomEks riedt oan en ratifisearje mear paragrafen fan it Hânfêst oangeande ûnderwiis en media. Beide KomEksadvizen komme fuort út inisjativen út de praktyk en de KomEks sjocht kânsen om dy troch de nasjonale oerheid duorsum te boargjen oan de hân fan de ratifikaasje fan ekstra paragrafen.

Yn it ferlingde fan Taalplan Frysk 2030 en it inisjatyf foar Frysk op it mbû, befellet de KomEks oan om de ratifikaasje yn oerwaging te nimmen fan kêst 8.1.d. oangeande technysk ûnderwiis en beropsûnderwiis. It ratifisearjen fan dat kêst kin it ûnderwiis as gehiel stypje en ek de trochgeande learline. Mei it mbû kin ek it foarskoalsk ûnderwiis fersterke wurde, troch in bettere ymplemintaasje fan twa oare kêsten, nammentlik kêst 8.1.a.ii oangeande it Frysk yn it foarskoalsk ûnderwiis en kêst 8.1.h, oangeande de dosinte-oplieding fan pedagogyske meiwurkers.

Mei it each op it programma om jonge sjoernalisten op te lieden yn de Fryske taal en kultuer en de duorsume boarging dêrfan nûget de KomEks it Ryk út om te sjen nei de mooglikheid om kêsten 11.1.e en 11.1.g te ratifisearjen foar it Frysk. Yn kêst 11.1.e kin de oerheid tasizze om in folsleine krante of om de geregelde publikaasje fan krante-artikels

yn it Frysk oan te moedigjen. Kêst 11.1.g stipet de oplieding fan sjoernalisten en oare meiwurkers foar Fryske media.

7. Ferbetterje de ymplemintaasje fan it Hânfêst op nasjonaal nivo mei belied, wet- en regeljouwing

De KomEks ûnderstreket dat de nasjonale oerheid ferantwurdlik is foar ymplemintaasje fan it Hânfêst. Dy ymplemintaasje kin fersterke wurde troch eksplisitere wetjouwing, mei belied en mei finansjele stipe foar de útfiering fan ôfspraken of it boargjen fan inisjativen út Fryslân.

Erkende talen kinne neffens de KomEks eksplisiter ferwurke wurde yn nasjonale wetjouwing oangeande diskriminaasje en media. Sa befellet de KomEks oan om “taal” ta te heakjen yn de nasjonale wetten oangeande lykweardige behandeling, om minsken yn it algemien eksplisiter te ynformearjen oer taalrjochten. Boppedat soe it Ryk gebrûk meitsje kinne fan wetjouwing oangeande media om it brûken fan de erkende talen by de taken op te skriuwen fan regionale media.

Mei it ûndertekenjen fan bestjoersakkoarten, sa ûnderstreket de KomEks, moatte de belutsen oerheden ek de nedige finansjele stipe beskikber meitsje foar it beheljen fan de taseine doelen. Fierders skriuwt de KomEks dat ferskate inisjativen goed binne foar de ymplemintaasje fan it Hânfêst. Dêrom soe it Ryk dy inisjativen net allinne as foarbyld nimme moatte, mar ek finansjeel stypje en takomstbestindich boargje moatte.

8. Fersterkje de sichtberens fan it Frysk op lokaal nivo

Neffens de KomEks is de sichtberens fan it Frysk mei Fryske of twatalige bebuording net fanselssprekkend foar alle gemeenten, wat der ta laat hat dat de KomEks in leger oardiel jûn hat foar kêst 10.2.g: ‘Fryske toponimen.’ Yn de BFTK kinne it Ryk en Provinsje Fryslân ôfspraken opnimme oer it befoarderjen fan Fryske plaknammen by gemeenten en de sichtberens fan it Frysk. It Sichtberheidsakkoart fan 2022 kin as basis tsjinje.

9. Fersterkje de posysje Frysk yn it ekonomysk en sosjaal libben

De KomEks fynt it soarchlik dat de útfiering fan ôfspraken fan de BFTK 2019-2023 gauris de ferantwurdlik is fan allinne Provinsje Fryslân. De KomEks is fan betinken dat it Ryk mear ferantwurdlikheid nimme moat. Dat hat ek de oanlieding west om kêst 13.1.d, it brûken fan it Frysk makliker te meitsjen/ oan te moedigjen, in leger oardiel te jaan as earder.

It Ryk kin op nasjonaal nivo mear inisjatyf en maatregels nimme om it Frysk te fasilitearjen en/of stimulearjen. De KomEks neamt de mooglikheid om it Frysk taalgebrûk as betingst

te hawwen by it ferlienen fan fergunningen, by oanbestegings foar de spoarwegen en by personielssaken yn 'e soarch.

De KomEks fynt boppedat dat it Ryk mear dwaan kin foar Frysk yn 'e soarch. Dy nûget it Ryk dêrom út om in dúdlik wetlik ramt te meitsjen om de mooglikheid om it Frysk te brûken te garandearjen foar sawol meiwurkers as minsken dy't gebrûk meitsje fan de sosjale foarsjennings.

12. Boarnelist

- Brok, A. A. M. (2023, 11 april). *Reaksje op advysrapport Frysk yn de foarskoalske faze*.
<https://dingtiid.frl/wp-content/uploads/2023/01/Provinsje-Fryslan-oan-DINGtiid-reaksje-op-advysrapport-foarskoalsk-nderwiis.pdf>
- Buning-Oosten, J., & Zandberg, H. (2018, july). *De ymplemintaasje fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen yn Nederlân sûnt it ratifisearjen yn 1996*. Mercator European Research Centre for Multilingualism and Language Learning.
https://www.mercator-research.eu/fileadmin/mercator/documents/publications/RapportYmplemintaasje_nov2018_Dingtiidweb-compressed.pdf
- Committee of Ministers. (2001). *Reccommendation RecCHL(2001)1 on the Application of the Charter by the Netherlands*. Council of Europe.
https://search.coe.int/cm/Pages/result_details.aspx?ObjectId=09000016804e8bf9
- Committee of Ministers. (2004). *Reccommendation RecChL(2004)7 of the Committee of Ministers on the Application of the Charter by the Netherlands*. Council of Europe.
https://search.coe.int/cm/Pages/result_details.aspx?ObjectId=09000016805db3e2
- Committee of Ministers. (2008). *Reccommendation CM/RecChL(2008)4 of the Committee of Ministers on the Application of the Charter by the Netherlands*. Council of Europe.
https://search.coe.int/cm/Pages/result_details.aspx?ObjectId=09000016805d2d2e
- Committee of Ministers. (2012). *Reccommendation CM/RecChL(2012)5 of the Committee of Ministers on the Application of the Charter by the Netherlands*. Council of Europe.
https://search.coe.int/cm/Pages/result_details.aspx?ObjectId=09000016805c9b9f
- Committee of Ministers. (2016). *Reccommendation CM/RecChL(2016)7 of the Committee of Ministers on the Application of the Charter by the Netherlands*. Council of Europe.
https://search.coe.int/cm/Pages/result_details.aspx?ObjectId=09000016806cad73
- Committee of Ministers. (2020). *Reccommendation CM/RecChL(2020)3 of the Committee of Ministers on the Application of the Charter by the Netherlands*. Council of Europe.
https://search.coe.int/cm/Pages/result_details.aspx?ObjectId=09000016809fab3c
- Committee of Ministers. (2023). *Reccommendation CM/RecChL(2023)1 of the Committee of Ministers on the Application of the Charter by the Netherlands*. Council of Europe.
https://search.coe.int/cm/pages/result_details.aspx?objectid=0900001680aaf814
- Council of Europe. (1992). *European Charter for Regional or Minority Languages*.
<https://rm.coe.int/1680695175>

- Council of Europe. (1998). *Europeesk Hânfêst foar regionale of talen fan minderheden: Frisian version, unofficial translation*. <https://www.coe.int/en/web/european-charter-regional-or-minority-languages/text-of-the-charter>
- Council of Europe. (2001a). *European Charter for Regional or Minority Languages, Application of the Charter in the Netherlands*. Strasbourg: Council of Europe. <http://rm.coe.int/CoERMPublicCommonSearchServices/DisplayDCTMContent?documentId=09000016806d8ce1>
- Council of Europe. (2001b). *European Charter for Regional or Minority Languages, Application of the Charter in Switzerland*. Strasbourg: Council of Europe. <https://rm.coe.int/CoERMPublicCommonSearchServices/DisplayDCTMContent?documentId=09000016806dba70>
- Council of Europe. (2004). *European Charter for Regional or Minority Languages, Application of the Charter in the Netherlands – 2nd monitoring cycle*. Strasbourg: Council of Europe. <https://rm.coe.int/CoERMPublicCommonSearchServices/DisplayDCTMContent?documentId=09000016806d8e11>
- Council of Europe. (2008). *European Charter for Regional or Minority Languages, Application of the Charter in the Netherlands – 3rd monitoring cycle*. Strasbourg: Council of Europe. <https://rm.coe.int/CoERMPublicCommonSearchServices/DisplayDCTMContent?documentId=09000016806d8ce5>
- Council of Europe. (2010). *Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden: Dutch Version, unofficial translation*. <https://rm.coe.int/CoERMPublicCommonSearchServices/DisplayDCTMContent?documentId=09000016806d3586>
- Council of Europe. (2012). *European Charter for Regional or Minority Languages: Application of the charter in the Netherlands - 4th monitoring cycle*. Strasbourg: Council of Europe. <http://rm.coe.int/CoERMPublicCommonSearchServices/DisplayDCTMContent?documentId=09000016806d8e11>
- Council of Europe. (2015). *European Charter for Regional or Minority Languages: Application of the charter in Poland – 2nd monitoring cycle*. Strasbourg: Council of Europe. <https://rm.coe.int/CoERMPublicCommonSearchServices/DisplayDCTMContent?documentId=09000016806dc5fc>

- Council of Europe. (2016). *European Charter for Regional or Minority Languages, Application of the Charter in the Netherlands- 5th monitoring cycle*. Strasbourg: Council of Europe.
<https://rm.coe.int/CoERMPublicCommonSearchServices/DisplayDCTMContent?documentId=09000016806d8e13>
- Council of Europe. (2019a). *European Charter for Regional or Minority Languages: Report of the Committee of Experts presented to the Committee of Ministers of the Council of Europe in accordance with Article 16 of the Charter – sixth report The Netherlands*. Strasbourg: Council of Europe. <https://rm.coe.int/ecrml-netherlands-6th-evaluation-report/16809f023f>
- Council of Europe. (2019b). *European Charter for Regional or Minority Languages: Fifth report of the Committee of Experts in respect of the Slovak Republic*. Strasbourg: Council of Europe.
https://search.coe.int/cm/Pages/result_details.aspx?ObjectId=09000016809712a4
- Council of Europe. (2019c). *European Charter for Regional or Minority Languages: Report of the Committee of Experts presented to the Committee of Ministers of the Council of Europe in accordance with Article 16 of the Charter – Fifth Report Slovenia*. Strasbourg: Council of Europe. <https://rm.coe.int/sloveniaer5-en-docx/16809eee59>
- Council of Europe. (2019d). *Outlines for the periodical reports on the implementation of the European Charter for Regional or Minority Languages to be presented by the States Parties*. Strasbourg: Council of Europe. <https://rm.coe.int/cm-2019-69-outlines-2019-en/168094521a>
- Council of Europe. (2022a). *Seventh Evaluation Report on The Netherlands: Committee of Experts of the European Charter for Regional or Minority Languages*. Strasbourg: Council of Europe. <https://rm.coe.int/netherlandsecrml7-en/1680aa8930>
- Council of Europe. (2022b). *Eighth Evaluation Report on Switzerland: Committee of Experts of the European Charter for Regional or Minority Languages*. Strasbourg: Council of Europe. <https://rm.coe.int/rev-min-lang-2022-8-8th-evrep-switzerland-25-7-22-final-public-en/1680a86b8f>
- Council of Europe. (2023a). *Fifth Evaluation Report on Austria: Committee of Experts of the European Charter for Regional or Minority Languages*. Strasbourg: Council of Europe. <https://rm.coe.int/austriaecrml5-en/1680ac5045>

- Council of Europe. (2023b). *Third Evaluation Report on Romania: Committee of Experts of the European Charter for Regional or Minority Languages*. Strasbourg: Council of Europe. <https://rm.coe.int/romaniaecrml3-en/1680ac8e27>
- DINGtiid: Orgaan foar de Fryske taal. (2023). *Fries in de voorschoolse fase: Advies aan de Provincie Fryslân en de Rijksoverheid*. https://dingtiid.frl/wp-content/uploads/2023/01/2023-DINGTIID_ADVYS_BW_NL_V04-LR.pdf
- Gros, M. (2017). *Romansh: The Romansh language in education in Switzerland* (M. Visser, Ed.). Mercator European Research Centre on Multilingualism and Language Learning. https://www.mercator-research.eu/fileadmin/mercator/documents/regional_dossiers/romansh_in_switzerland.pdf
- Omrop Fryslân. (2020, 15 septimber). 'Oplossing foar tekoart oan Fryske tolken yn de rjochtbank'. *Omrop Fryslân*. <https://www.omropfryslan.nl/fy/nijs/991185/oplossing-foar-tekoart-oan-fryske-tolken-yn-de-rjochtbank>
- Omrop Fryslân. (2021a, 11 febrewaris). 'Kampanje om mear learlingen foar eksamen Frysk te krijen'. *Omrop Fryslân*. <https://www.omropfryslan.nl/fy/nijs/1034108/kampanje-om-mear-learlingen-foar-eksamen-frysk-te-krijen>
- Omrop Fryslân. (2021b, 22 septimber). 'Gjin Fryske tolken mear beskikber yn rjochtbank fanwege 'meagere fergoeding''. *Omrop Fryslân*. <https://www.omropfryslan.nl/fy/nijs/1094557/gjin-fryske-tolken-mear-beskikber-yn-rjochtbank-fanwege-meagere-fergoeding>
- Omrop Fryslân. (2022a, 29 juny). 'Fedde Dijkstra leit kwestje Fryske rjochtbanktolken foar oan Ried fan Europa'. *Omrop Fryslân*. <https://www.omropfryslan.nl/fy/nijs/1155862/fedde-dijkstra-leit-kwestje-fryske-rjochtbanktolken-foar-oan-ried-fan-europa>
- Omrop Fryslân. (2022b, 13 desimber). 'Frysktalich tydskrift De Nije hâldt op'. *Omrop Fryslân*. <https://www.omropfryslan.nl/fy/nijs/1181219/frysktalich-tydskrift-de-nije-haldt-op>
- Ministerie van Onderwijs, Cultuur en Wetenschap (2016, 16 desimber). *Bestuursafspraken Fries in de media 2016*. Staatscourant 2016 nr. 68855. <https://zoek.officielebekendmakingen.nl/stcrt-2016-68855.pdf>
- Nicolai, P., Swart, M., ter Braak, S. en Doets, B. (2020). *'Krenten uit de pap' - Op zoek naar de meerwaarde van de Friese taal in het economisch verkeer*. E&E Advies.

Rijksoverheid. (2018). *Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019-2023*.

<https://open.overheid.nl/documenten/ronl-5295a6b9-6cfa-422c-8ed3-db38eeefe9da/pdf>

Rijksoverheid. (2021). *Seventh periodical report presented to the Secretary General of the Council of Europe in accordance with Article 15 of the Charter- Netherlands*.

<https://rm.coe.int/netherlandspr7-en/1680a2abe8>

Schukking, A.F. (2021, maaie). *De ymplemintaasje fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen yn Nederlân – in update*. Mercator European Research Centre for Multilingualism and Language Learning/DINGtiid. <https://dingtiid.frl/wp-content/uploads/2021/09/Rapport-update-Frysk.pdf>

Tweede Kamer der Staten-Generaal (2023). *Stemmingslijst dinsdag 24 oktober 2023, versie 13.15 uur*. <https://www.tweedekamer.nl/downloads/document?id=2023D44142>

Van Gennip, C.E.G. (2023, 15 augustus). *Reactie op het advies "Fries in de voorschoolse fase" van DINGtiid*. <https://open.overheid.nl/documenten/8a9702e2-6089-490e-8cfe-833c67b7ea4d/file>

Wet gebruik Friese taal (2014). <https://wetten.overheid.nl/BWBR0034047/2014-01-01>

Taheakken

Gearfetting (Frysk)

De ymplementaasje fan it Europeesk Hânfêst – sânde rapportaazjesykus

Yn Nederlân is it Frysk is erkend ûnder diel II en II it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen (hjernei: it Hânfêst). Oer de ymplementaasje dêrfan wurdt rapportearre troch it Ryk en de Kommisje fan Eksperts fan de Ried fan Europa (hjernei: KomEks). De KomEks makket dêrby in tal oanbefellings, dêr't in seleksje fan oernommen wurdt troch it Komitee fan Ministers. Nei oanlieding fan de sânde rapportaazjesykus foar it Hânfêst is dit rapport makke yn opdracht fan it Orgaan foar de Fryske Taal DINGtiid.

Rapport

It rapport is in oanfolling op it rapport *De ymplementaasje fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen yn Nederlân sûnt it ratifisearjen yn 1996* (Buning-Oosten & Zandberg, 2018) en de update dêrfoar nei oanlieding fan de sechsde rapportaazjesykus (Schukking, 2021). Dit ûndersyk nei de sânde rapportaazjesykus en it systematyske oersjoch fan alle rapportaazjesykly meitsje it mooglik om kritysk te sjen nei de ymplementaasje fan it Hânfêst, de kwaliteit fan 'e ynformaasje foarsjening en om guon saken út te ljochtsjen.

Haadsaken

De mearderheid fan alle paragrafen hawwe it oardiel “ferfolle” krigen fan de KomEks. Nettsjinsteande is der op in tal mêden in heger oardiel mooglik. By kêt 8, ûnderwiis, is de measte ferbettering mooglik. Twa kêsten hawwe foar alle paragrafen it oardiel “ferfolle,” nammentlik kêt 12, kulturele aktiviteiten en foarsjennings, en kêt 14, útwikselings oer grinzen hinne.

Nederlân kriget, lykas alle foargeande sykly, it advys fan sawol de KomEks as it Komitee fan Ministers om it Frysk ûnderwiis op alle ûnderwiisnivo's te ferbetterjen. Kwalitative en kwantitative ferbettering is nedich, fan foarskoalsk oant universitêr ûnderwiis. Boppedat advisearret de KomEks om it Frysk op it mbû te fersterkjen troch it ratifisearjen fan it byhearrende kêt. Op dy wize kin de trochgeande learline ferbettere wurde.

Fanwegen de langrinnende kwestje tusken it Iepenbier Ministearje en de rjochtbanktolken hat kêt 9 in leger oardiel krigen yn it sânde rapport. It rjocht om it Frysk te brûken yn 'e rjochtbank moat garandearre en de ynset fan kwalifisearre tolken fersterke wurde, sa advisearret it Komitee fan Ministers.

De KomEks ûnderstreket dat de nasjonale oerheid ferantwurdlik is foar ymplementaasje fan it Hânfêst. Dy ymplementaasje kin fersterke wurde troch eksplisitere wetjouwing, mei belied en mei finansjele stipe foar de útfiering fan ôfspraken of it boargjen fan inisjativen út Fryslân. De KomEks riedt it Ryk oan en ratifisearje mear paragrafen fan it Hânfêst oangeande ûnderwiis en media. De KomEks sjocht dêrmei kânsen om inisjativen út de praktyk duorsum te boargjen.

It Komitee fan Ministers en de KomEks jouwe in haadoanbefelling om algemiene kennis oer it Frysk en de erkende taalminderheden te ferbetterjen op nasjonaal nivo. Boppedat moatte belanghawwers en fertsjintwurdigers fan 'e Fryske taalmienskip better belutsen wurde by it ûnderhannelingsproses fan 'e BFTK 2024-2028.

Yn it sânde periodike rapport falt it op dat it Ryk gauris foar ynformaasje oer diel III referearret oan diel II. Dat kin negative gefolgen hawwe foar de folsleinens en kwaliteit fan 'e ynformaasje foarjening en in kêt soe sadwaande in oardiel fan de KomEks krije kinne dat net mear past by de werklike situaasje.

Samenvatting (Nederlands)

De implementatie van het Europees Handvest - zevende rapportagecyclus

In Nederland is het Fries erkend onder deel II en II het Europees Handvest voor Regionale of Minderheidstalen (hierna: het Handvest). Over de implementatie daarvan wordt gerapporteerd door het Rijk en de Commissie van Experts van de Raad van Europa (hierna: ComEx). De ComEx maakt daarbij een aantal recommandaties, waarvan een selectie wordt overgenomen door het Comité van Ministers. Naar aanleiding van de zevende rapportagecyclus voor het Handvest is dit rapport gemaakt in opdracht van het Orgaan voor de Friese Taal DINGtiid.

Rapport

Het rapport is een aanvulling op het rapport *De implementatie van het Europees Handvest voor Regionale of Minderheidstalen in Nederland sinds het ratificeren in 1996* (Buning-Oosten & Zandberg, 2018) en de update daarvoor naar aanleiding van de zesde rapportagecyclus (Schukking, 2021). Dit onderzoek naar de zevende rapportagecyclus en het systematische overzicht van alle rapportagecycli maken het mogelijk om kritisch te kijken naar de implementatie van het Handvest, de kwaliteit van de informatievoorziening en om bepaalde zaken uit te lichten.

Hoofdzaken

De meerderheid van alle paragrafen heeft het oordeel “vervuld” gekregen van de ComEx. Desalniettemin is er op een aantal gebieden een hoger oordeel mogelijk. Bij artikel 8, onderwijs, is de meeste verbetering mogelijk. Twee artikelen hebben voor alle paragrafen het oordeel “vervuld”, namelijk artikel 12, culturele activiteiten en voorzieningen, en artikel 14, grensoverschrijdende uitwisselingen.

Nederland ontvangt, evenals alle voorgaande cycli, het advies van zowel de ComEx als het Comité van Ministers om het Fries onderwijs op alle onderwijsniveaus te verbeteren. Kwalitatieve en kwantitatieve verbetering is nodig, van voorschools tot universitair onderwijs. Bovendien adviseert de ComEx het Fries op het mbo te versterken door de ratificatie van het bijbehorende artikel. Op deze manier kan de doorgaande leerlijn worden verbeterd.

Vanwege de langlopende kwestie tussen het Openbaar Ministerie en de rechtbanktolken heeft artikel 9 een lager oordeel gekregen in het zevende rapport. Het recht om het Fries

te gebruiken in de rechtbank moet gegarandeerd en de inzet van gekwalificeerde tolken worden versterkt, zo adviseert het Comité van Ministers.

De ComEx onderstreept dat de nationale overheid verantwoordelijk is voor implementatie van het Handvest. Deze implementatie kan worden versterkt door expliciete wetgeving, met beleid en met financiële ondersteuning voor de uitvoering van afspraken of het borgen van initiatieven uit Fryslân.

De ComEx raadt het Rijk aan om meer paragrafen van het Handvest te ratificeren met betrekking tot het onderwijs en de media. De ComEx ziet daarmee kansen om initiatieven uit de praktijk duurzaam te borgen. Het Comité van Ministers en de ComEx geven een hoofdrecommandatie om algemene kennis over het Fries en de erkende taalminderheden te verbeteren op nationaal niveau. Bovendien moeten belanghebbenden en vertegenwoordigers van de Friese taalgemeenschap beter betrokken worden bij het onderhandelingsproces van de BFTK 2024-2028.

In het zevende periodieke rapport valt het op dat het Rijk vaak voor informatie over deel III refereert aan deel II. Dit kan negatieve gevolgen hebben voor de volledigheid en kwaliteit van de informatievoorziening en een artikel zou daarmee een oordeel van de ComEx kunnen krijgen wat niet meer past bij de werkelijke situatie.

Summary (English)

The implementation of the European Charter - seventh monitoring cycle

In the Netherlands, Frisian is recognised under parts II and II of the European Charter for Regional or Minority Languages (hereinafter: the Charter). The national government and the Committee of Experts of the Council of Europe (hereinafter: ComEx) report on its implementation. The ComEx makes a number of recommendations, a selection of which is adopted by the Committee of Ministers. Following the seventh reporting cycle for the Charter, this report was commissioned by the Advisory Body for the Frisian Language DINGtiid.

Report

The report is a supplement to the report *The implementation of the European Charter for Regional or Minority Languages in the Netherlands since its ratification in 1996* (Buning-Oosten & Zandberg, 2018) and its update following the sixth monitoring cycle (Schukking, 2021). This investigation into the seventh monitoring cycle and the systematic overview of all monitoring cycles make it possible to have a critical look at the implementation of the Charter, the quality of the information provision and to highlight certain matters.

Main outcomes

The majority of all paragraphs have been rated “fulfilled” by the ComEx. Nevertheless, a higher judgment is possible in a number of domains. Article 8, education, can be improved the most. Two articles have the judgment “fulfilled” for all paragraphs, namely Article 12, cultural activities and facilities, and Article 14, transfrontier exchanges.

As in all previous cycles, the Netherlands receives recommendations from both the ComEx and the Committee of Ministers to improve Frisian education at all levels of education. Qualitative and quantitative improvement is needed, from pre-school to university education. In addition, the ComEx recommends strengthening Frisian in secondary vocational education by ratifying the corresponding article. This way, the continuous learning path can be improved.

Due to the long-running issue between the Public Prosecution Service and the court interpreters, Article 9 received a lower rating in the seventh report. The Committee of Ministers recommends that the right to use Frisian in court must be guaranteed and the use of qualified interpreters must be strengthened.

The ComEx underlines that the national government is responsible for implementing the Charter. This implementation can be strengthened by explicit legislation, policy, and financial support for the implementation of agreements or safeguarding initiatives from Fryslân. The ComEx recommends the ratification of more paragraphs of the Charter regarding education and media. The ComEx therefore sees opportunities safeguard bottom-up initiatives in a sustainable manner.

The Committee of Ministers and the ComEx recommend to improve general knowledge about Frisian and recognised language minorities at the national level. In addition, stakeholders and representatives of the Frisian language community should be better involved in the negotiation process of the BFTK 2024-2028.

In the seventh periodic report it is noteworthy that the Dutch government often refers to part II for information about part III. This can have negative consequences for the completeness and quality of the information provision and an article could therefore receive a judgment from the ComEx that no longer fits the actual situation.

